FRYSLAN
SJONGT

Fryslân Sjongt!

Algemien Frysk Lieteboekje
mei âlde en nije sangen
yn balk- en sifernoateskrift

GJIN SJONGEND FOLK OP IERDE
WIRDT WARLEAS WEI.

Gerben Brouwer
yn ‚Frisia cantat'

Tredde druk

Alle rjuchten op dizze samling binne oan de Fryske Akademy to Ljouwert

DRUKKERIJ LAVERMAN N.V. ✦ DRACHTEN ✦ MCMXLVII

Algemiene Kommisje:

S. F. VAN DER BURG, foarsitter,

J. SIDERIUS, skriuwer,

M. W. HESLINGA, ponghâlder,
for de Federaesje fen Fryske Studinte-forienings.

TSJ. G. DE VRIES,
for it Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse.

M. S. E. VISSER,
for it Kristlik Frysk Selskip.

TH. LAMBOOIJ,
for it Roomsk Frysk Boun.

P. ZYLSTRA,
for it Boun fen Frysk-Nasjonale Jongerein.

J. PIEBENGA,
for de Stúdzje- en Propagandeklub „Wêz Jimsels".

D. A. TAMMINGA,
for de Stifting „De Fryske Folkshegeskoalle".

Muzykkommisje:

H. K. SCHIPPERS, Drachten,

J. SLOFSTRA, Dokkum,

WILLEM ZONDERLAND, Ljouwert,
leden fen it Musicologysk Wirkforbân fen de Fryske Akademy.

Foaropwird.

Dêr't men sjongt, dêr is it goed.

Mei dizze bondel lieten en sankjes jim helpe om it wier to meitsjen! En hy scil det dwaen, sûnder mis, hwent moat it net goed wêze, sljuchtwei goed, yn yens eigen tael to sjongen de sangen dy't yn dy eigen tael field en dichte binne? En sok „ierdsk swietlûdich sjongjen", makket it gjin oare, bettere minsken?

Dit hânsume boekje bringt jimme in moai great forskaet fen Fryske lieten. Det it wolkom wêze mei!

Al wer treddeljier forlyn naem de kommisje út de Federaesje fen Fryske Studinte-forienings for in nij Studinte-Lieteboekje it bislút om it stribjen en ek de kommisje sels op in breder grounslach to setten. It doel waerd tonei: it bifoarderjen fen it Frysk sjongen troch in bondel út to jaen, dêr't de rounom forsprate lieten yn byinoar kamen, dy't algemien wêze scoe, alhowol bynammen for de jongerein ornearre, en dêr't de gearsang noarm by wêze scoe, dos f'ral ienstimmige lieten. En sa is it nou ek kommen.

Meiinoar hawwe wy earst it bistek makke. Der is bisocht wirden om de folheit fen it libben en it liet, binnen ús ramt, ta utering to bringen. Gâns teksten binne der samle en neigien. It útwirkjen fen hwet der sa fandele waerd, wier do fansels oan de muzykkommisje, det dy wol ik nou graech earst efkes it wird jaen.

„Wy hawwe as technyske kommisje yn ynriedigens oparbeidzje kinnen. Maklik wier it wirk net: alle teksten binne net like gaedlik en as men hifket

en wer hifket, scoe men mannich lietsje falle litte moatte omt de meldij net to goed strykt mei de wirden ef omt de komposysje net oarspronklik is. Om misbigryp foar to kommen, dogge wy hjir efkes to witten, det ús opset west hat: fen it âlde biwarje hwet goed is en ús Fryske folk djûr — fen it nije detjinge opnimme, det alteast de kant útwiist, dêr't it mei ús gearsang hinne moat. Wy tidigje der op, det dizze foarste printinge mei gauwens útforkoft reitsje scil: ús wirk wol net oars en net mear wêze as in foarst bisykjen.

It muzykbyld is faeks hwet ûnrêstich wirden. Det wier net foar to kommen, omt men der op stie, det de sifernotaesje hanthavene waerd en det der boppedet inkelde stypjende akkoarden oanjown wirde scoene. For dy akkoarden hat de kommisje soarge; men moat de komponisten der net op oansjen. (In inkelde sang koe lykwols mei de oarspronklike piano-bigelieding opnommen wirde.)

Wy tankje allegearre, dy't ús skewielen — it is net to dwaen en neam hjarren apart, om't it gâns in rige wirde scoe! — en wy hoopje nou mar, det it wirk de ljue noaskje scil. Wy hawwe der flyt op dien, det wolle wy wol wêze, mar der wierne in bulte fiven en seizen — hoecht it yen nij to dwaen, det de kommisje sèls lekken en brekken tige klear sjucht? It seit himsels det dizze folksbondel út noch yn net skiedkindich-wittenskiplik biarbeide waerd. As de samling mar tsjûget fen nij libben, det kommendewei is, den mei Fryslân bliid wêze mei it initiatyf fen de studinte-federaesje. Den scille dichters en komponisten oantreastge wirde ta aloan mear en better. En den scil yn 'e takomst grif mannich ûnderdiel, det nou yet oan 'e krapper ein kommen is, syn gerak krije kinne. In bigjin is der en — om mei de tsjeaf dy't in ambyld stiel, to praten — „alle bigjin is swier!"

De technyske kommisje wiist der al op: it forskaet is yet net ryk genôch. Mar wy meije bliid wêze mei dit bigjin — in nije foarm en nije lûden. Bliid ek, det it boekje noch printe wirde koe. Ek yn dizze binearjende tiden moatte wy ús sangen biwarje, moatte hja ús yn it moed klinke. Frjeonen, sjong se den! Litte se in bân lizze twisken alle Friezen!

* * *

En nou yet in pear meidielingen.

It auteursrjocht op dizze bondel as sadanich en ek fen forskate lieten der yn heart oan de Fryske Akademy, dy't de funksje fen rjuchtspersoan op hjar nimme woe op dit stik. Wy tankje hjir it Bistjûr fen de Akademy!

De omslachteikening is fen Cor Reisma.

Den moatte wy fierder tank bringe oan de hearen Van der Velde en Brandenburgh; hja hawwe ús frij jown om in 19-tal lieten út it Nij Frysk Lieteboek oer to nimmen. Tank ek oan it Selskip fen '44, det ús útsykje liet út it Frysk Lieteboek, en oan útjowers fen aparte lieten en fen teksten; hjar nammen binne mei inkelde haedstêven oantsjut. En den fensels oan de útjower for de royale meiwirking en oan al de ljue, dy't ré wierne om ús to stypjen. De bisûnder hertlike tank fen ús Bistjûr jildt de leden fen de muzykkommisje, dy't gâns wirk forset hawwe.

Opmerkingen, nije fersen, toansettingen ensfh. scille wy jerne yn 'e mjitte sjen; adres: Kommisje „Fryslân sjongt!", Coulonhûs, Doelestrjitte 8, Ljouwert. Fen yet net útkommen fersen en muzyk scil by de Fryske Akademy in archief oanlein wirde.

En nou, boekje, swalkje Fryslân troch, fen hûs ta hûs!

For de beide kommisjes,
S. F. VAN DER BURG.

Utert, Wintermoanne 1942.

By de twadde druk.

It hat ús tige moeid, det yn e earste opslach lang net elk, dy't gading makke nei in sjongboekje, holpen wirde koe: „Fryslân sjongt!" rekke yn in omsjuch útforkoft. Nammersto blider binne wy, det ús frij jown waerd om yetris in tûzenmannich boekjes op to lizzen. Dy scille hjar plak grif ek wol fine, tinkt ús, hwent it hat al bliken dien, det ús lytse stek-yn-e-bûse in bulte brûkt wirdt.

Hiene wy nou foart al oan 't foroarjen, oan 't skrassen en oan 't útwreidzjen moatten? Gûnt ornearje grif fen al, mar tiid en taliz lykje ús net botte gaedlik ta optheden, det men hat dizze twadde druk to sjen as in foartsetting fen de earste. Fensels, dy't oan 't sneupen giet, fynt wol 't ien en 't oar: in flater forbettere, in skansearre printblok fornijd en al sa mear, mar soks mei hast gjin namme ha. Swalkje mar fierder, boekje en tsjinje op 'en nij de saek fen ús Heitelân.

DE KOMMISJES.

Foarmoanne 1944.

By de tredde druk.

It hat him wier net oan 'e kommisjes ef de útjower lein, det de einlings nou útkommende tredde druk sa let is. Us opset hat west sa gau mûglik nei de bifrijing in nije druk forskine to litten, en in fjirde rêstich ta to rieden. Hjir ha wy ús by hâlden. Sadwaende bliuwt dizze tredde druk ûnforoare en om de printblokken yn de âlde stavering; oan in nije biwirking wirdt arbeide.

Scille der skielk nije lieten wêze? Yn elts gefal giet it boekje troch mei it biwirkjen fen de klankboaijem. Fryslân sjongt!

DE KOMMISJES.

Wynmoanne 1946.

1. Fryske sang.

T. R. Dykstra. ***



2. Hwet tiids tosk ek fordylge | Of hompe yn iv'ge rêst, | Hwet wiks'let of foroaret, | Wy hâlde ús sprake fêst. | Wy scille as de âlden sjonge | De golle Fryske sang; || Syn wizen scille klinke | Us hiele libben lang! (twaris.)

4. Ja, sa lang beammen bloeije, | Sa lang it wyntsje waeit, | Sa lang de gêrskes tiere, | Sa lang de hoanne kraeit, | Sa lang scilstû ek klinke | O golle Fryske sang; || Scilst' rôlje oer bou en greiden! | Sa lang! sa lang! sa lang! (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 2.)

---

2. Frysk Folksliet.

dr. Eeltsje Halbertsma. nei H. Chr. Schnoor.

1 = g.

1. Frysk bloed tsjuch op! Wol nou ris brûze en siede | En bounzje troch ús ieren om! | Flean op! Wy sjonge it bêste lân fen 'e ierde, | It Fryske lân fol eare en rom. || Klink den en daverje fier yn it roun | Dyn âlde eare, o Fryske groun! (twaris.)

2. Ho ek fen oermacht, need en sé bitritsen, | Oerâlde, ljeave Fryske groun, | Nea waerd dy fêste, taeije bân forbritsen, | Dy't Friezen oan hjar lân forboun. || Klink den ensfh.

3. Fen bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare | Syn namme en tael, syn frije sin; | Syn wird wier wet; rjucht, sljúcht en trou syn leare, | En twang, fen hwa ek, stie it tsjin. || Klink den ensfh.

4. Trochloftich folk fen dizze âlde namme, | Wêz jimmer op dy âlders great! | Bliuw ivich fen dy grize, hege stamme | In grien, in krêftich bloeijend leat! || Klink den ensfh.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 1.)

Us liet fen trou
Driuwt, op 'e swiere koaren
Fen weach en wyn,
In folk ta moedich doaren
De takomst yn.

Gerben Brouwer.

---

3. Frysk bloed, tsjuch op! ▲

Fedde Schurer. J. Slofstra.



2. Lit de slûgen rêstich slomje, | Lit de kâlden stil forklomje — | Mar dy't wekker is, oerein! | Mar dy't waerm fen hert, útein! | Hwent de rop davert op: | Frysk bloed, tsjuch op!

3. Lit den krûpe, det net gean doar, | Lit den bûge, det net stean doar — | Dy't gjin krûpen learde, giet! | Dy't fen bûgjen frjemd bleau, stiet, | Heech it hert, heech de kop: | Frysk bloed, tsjuch op!

4. Nou't de goede stoarmen geane, | Nou't rjuchtút de flaggen fleane, | Nou't de gouden ûre kaem | For de greate, stoere raem — | Doch it goed, doch it hjoed: | Tsjuch op, Frysk bloed!

---

4. It Heitelân.

J. L. van der Burg. J. Lindeman.





2. Dêr 't Reaklif sa swietkes lonket | Yn de jountiids-sinneskyn, | Dêr't it bokweitblomke pronket | Twisken heide en beamgûd yn, | Dêr't de Aldehou syn brommen | Uren fier sims dreunt yn 't roun, || Dêr it tilt fen fé en blommen, | Dêr is 't oeral Fryske groun! (twaris.)

3. Dêr't hjar froed de geaën spriede | Twisken Lauwers, Linde en Flie, | Rêstich drôgjend, eft de ierde | Rounom noft en frede wier, | Dêr't de groun de soargen leannet | Fen der minsken warbre hân, || Dêr't men frij en feilich wennet, | Dêr is 't ynljeaf Heitelân. (twaris.)

4. Lit ús tinke oan âlde tiden, | Ieuwen fol fen lêst en noed, | Kriich tsjin frjemdfolk, fjuchtsjen, striden, | Wrachseljen mei wetterfloed — | Dêr't Dy 't âlde folk biwarre, | Dreech tsjin stoarm en twingerij, || Dêr scill' wy, as Friezen, swarre: | „Aldfaers erf, wy weitsje oer Dy!" (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 5.)

5. Wy, wy litte ús tael net farre. ▲

G. Colmjon. M. de Boer.



2. Langer al as tweintich ieuwen | Hat it Fryske folk bistien, || Hat it fen syn leed en wille | Yn dy klanken út'ring dien. (twaris.)

3. Ho't de sé it lân tognaude, | Oermacht, mei forried yn boun, || 't Heitelân yn 't leech soms fierde, | D' âlde spraek klinkt yet yn 't roun. (twaris.)

5. Né, wy litte ús tael net farre, | Jimmer hâlde wy se yn ear': || Sonder 't Frysk nin Fryske seden, | Sonder 't Frysk nin Friezen mear! (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 3.)

6. De Fryske tael.

Waling Dykstra. net in folkswize.



2. O, ik sjuch it, by de Friezen | Nimt de sucht for 't frjemde ta; | Dat docht my hast de moed forliezen; | It bastre skaei wol 't roune Frysk net ha. | Mar ik scil stride, ensfh.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 2.)

---

7. Fryslân.

dr. J. H. Halbertsma. Wize út it Berner Oberland.



2. Gelderlân, sa ljeaf en frjeonlik, | Hollân, great yn jild en rie, | 'k Scoe wol graech dêr wenje wolle, || As der mar nin Fryslân wie'! (twaris.)

3. Fryslân! Fryslân, de lânsdouwe, | Dêr't ús mem my widze het, | Dêr't ik boarte mei de famkes, || O, dat lân forjit ik net! (twaris.)

4. Fryslân! Fryslân! dy forjitte | Kin 'k allinne yn 't tsjust're grêf; | 'k Scil dyn eare en rom útmiette, | Ljeavje dy mei siele en sin, | Sa lang as ik libje kin!

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 14.)

8. Flaggeliet. ▲

Jan fen 'e Gaestmar. T. E. Halbertsma.





4. Bliuw, banen, wite en blauwe, | Bliuw, blêdden, rea en roun, | Bliuw 't byld fen Fryske trouwe, | Byn Friezen oan hjar groun! | Weagje oer ús griene greiden, | Weagje oer ús wetterwiid; | Bliuw 't byld fen Fryske dregens | En Friez'ne stille striid. || Waei, waei út nou, Fryske flagge! (twaris.) ensfh.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 1.)

Nou scill' op nije wizen
De klysters slaen.
Al mei de basterd gnize
Yn wize waen,
Gjin sjongend folk op ierde
Wirdt warleas wei —
Gean, Fryslân, ta dyn dieden
En ta dyn dei.

Gerben Brouwer.

---

9. Wy hâlde 'm heech. ▲

Fedde Schurer. H. K. Schippers. (for J. Sl.)



2. Wy hâlde 'm heech, wy hâlde 'm heech, | Us âlde Fryske flagge; | Al skoddet de Unfries ek wakker syn prûk, | Al sjucht er sa prot en sa swart as in roek — || Heech swaeistû yet dyn wapp'rjend doek, | Us âlde Fryske flagge! (twaris.)

3. Wy hâlde 'm heech, wy hâlde 'm heech, | Us âlde Fryske flagge; | Al moasten, yn 't wrakseljen sûnder lean, | Us herten brekkende ûndergean, || Heech bliuwstû as in wûnder stean, | Us âlde Fryske flagge! (twaris.)

---

10. Gölj - rüdj - ween. *)

(Noardfrysk flaggeliet.)

A. Johannsen Jr. P. Nissen.



2. Rüdj as 'e Sann en laket sö swetj, | rüdj san da Kliewre ock, | en rüdj san da Sike von min latj Bredj; | dat as welj for Liewde en Lock.

3. Ween as dat Wader baj Dick en Dom, | ween as 'e Luft auer üsz, | en ween san da Ugne von min latj Fom; | 'e Trau as önj Fraschlönj to Hüsz.

4. Jaa, üsen Fahne di as sö smock, | sö smock as min Annemaleen; | en wansch ick en Mansche Trau, Liewde en Lock, | sö flagg ick ma gölj, rüdj en ween.

(Wirdlike oersetting út de Mauerenger Spreckwisse fen D. A. T.)

GIEL — READ — BLAU.

1. Giel is de himel yn simmerjoun, | giel is it erkerfjild, | en giel is it hier fen myn Ann-maleen; | hwet binn' wy dochs ryk hjir oan giel!

2. Read is de sinne en laket sa swiet, | read binn' de klavers ek, | en read binn' de wangen fen myn lytse breid; | det is wol fen ljeafde en lok.

3. Blau is it wetter by dyk en daem, | blau is de loft boppe ús, | en blau binn' de eagen fen myn lytse faem; | de trou is yn Fryslân thús.

4. Ja, ús flagge dy is sa moai, | sa moai as myn Annemaleen; | en winskje ik in minske trou, ljeafde en lok, | den flagje ik mei giel, read en blau.

---

[1]) Oernommen út: „Schong, Völjkens, schong!", Friesisches Liederbuch für die Festlandsharden, Ausgabe B.

„Glück un Nood
de gaht as Ebb un Flood!"

11. De rom fen Fryslân.

J. J. Starter's
„Nieu liedeken tot lof van Vrieslandt",
forfryske fen D. Kalma.

J. Vredeman (de Vries) (?)



2. Dyn stille en freeds'me lannen, grien rizend út de sé, | Bin sêft fen swiere stannen en gers for hûsmans fé, | Det dijt yn Goades sinne, sa wyldrich as 't gebiet, | Dêr't gouden streamen rinne, fen mâlke en huning swiet. | O Fryske rom, rjue nomm'le groun, | Hwaens folk dy from de frijdom woun!

3. Ik sjuch dyn grize mûrren fen klimmergrien omwoun; | Fen d' âlde geve toerren giet yet it joumlet roun. | Oer dyn foldied'ge ierde giet sêft in blide wyn, | En alles, wâld en miede, hat heechste skientme yn. | O Fryske rom, rjue nomm'le groun, | Hwaens folk dy from de frijdom woun!

4. Nea lake it deiljocht earne nin kreazer froulju oan | As yn âld Fryslân geane, sa kein en ûnbidoarn, | Sa ryk oan earb're seden, fen aerd sa fiks en fêst, | Sa myld en klear fen reden, sa steatlik en bidêst. | O Fryske rom, rjue nomm'le groun, | Hwaens folk dy from de frijdom woun!

7. O Fryslân, warje en hoedzje dyn erflik goed aloan, | Hwet stoarmen oer dy woedzje; den riist in gouden moarn. | Bliuw warber en ienriedich, en kom de ropping nei, | Dy't Goades wil woldiedich dy yn it wêzen lei. | O Fryske rom, rjue nomm'le groun, | Hwaens folk dy from de frijdom woun!

Haw ljeaf en wêz sterk! Us lânsdouwe
Hja bout en bitrout op jim;
Scil hja sinke yn dûrjende rouwe,
Ef jubelje, bliid fen stim?
It dimmene Fryslân, it djûre,
Jim is it yn hannen jown —
Mei den God jim dieden stjûre
En bystean, eltse stoun'!

D. Kalma.

---

12. O God, forlit ús Fryslân net!

J. Troelstra. L. Waldmann.





2. Wol God! oer 't âlde Fryslân weitsje, | As stoarmen bylje en onwaer drout! | As heech de weagen geane, | Dy't wyld nei de iggen fleane, | En wetter oer de diken stout! |

Jow woltier oan dit lân! | Dat nea nin skeel | Syn folk fordeel! | Dy bea stig't op út 't djipst fen 't hert: || O God, o God, forlit ús Fryslân net! (twaris.) || *Koar:* O God, o God, forlit ús Fryslân net! (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 4.)

De tael fen Fryslân is yette kein en geef. En út dy tael scil wer rize it greate, hearlike liet fen ús folts.

Stoarmen meije bylje en de himel ierdetsjuster wêze, mar it liet scil him ûntjaen en roungean fen wente ta wente, fen doarp ta doarp, fen stêd ta stêd, om de folksienheid en de wiere frijheid to biwirkjen.

dr. G. A. Wumkes.

---

13. It âldershûs.

P. J. Troelstra. nei H. R. Bishop.



2. Dêr blinke glêdde marren | Yn 'e sinneskyn, | Hwer ranke boatsjes driuwe, | Sêft dounsjend op 'e wyn. | En as de fûgels floitsje | Op fean en bou en sân, | Hja geije 't út fen wille, | Yn dy, myn heitelân. | Lân, ljeaf, ljeaf heitelân! | Hja geije 't út fen wille, | Yn dy, myn heitelân.

3. Yn 't beammeskaed biskûle | Stiet ús âlde went; | In smouter plakje op ierde | Ha 'k nearne, nearne kend. | Dêr hat ús mem my widze | Sa sillich yn 'e sûs, | Dêr boarte ik oan hjar knibbel | Yn dy, myn âldershûs. | Hûs, ljeaf, ljeaf âldershûs! | Dêr boarte ik oan hjar knibbel | Yn dy, myn âldershûs.

4. It wrede needlot twong my | By myn âlden wei, | En alles, hwet ik ljeaf ha, | Liet ik yn Fryslân nei. | Dêr wenne alear in famke, | Dy joech my hert en hân; | Nou rêst hja op it tsjerkhôf | Yn 't ynljeaf heitelân. | Lân, ljeaf, ljeaf heitelân! | Nou rêst hja op it tsjerkhôf | Yn 't ynljeaf heitelân.

5. Lit my ek ienkear lizze | Yn 'e Fryske groun; | Foar't my myn lân werom hat, | Hab ik nin rêste foun. | 'k Wol oer de séên strûze | Troch stoarm en weachgebrûs, | En stjerre yn 't âlde Fryslân, | Yn 't ynljeaf âldershûs, | Hûs, ljeaf, ljeaf âldershûs! | En stjerre yn 't âlde Fryslân, | Yn 't ynljeaf âldershûs.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 49.)

De tael fen yens hird is de tael fen yens hert.
W. E. Collinson.

---

14. Eala fria Fresena! ▲

P. J. Troelstra. P. H. de Groot.



(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 6.)

15. War dy! *)

Fedde Schurer. R. Beintema.





2. Feinten, hâld de fûsten ré! | Hûs en hirden | Bin forwirden, | Frjemden wâldzje ús ikkers oer, | Basterds lizze 't hôf yn fjûr; | War dy! for it erflik gea; | Hoedzje 't lân for skande-dea. | War dy! Sprek dyn tongrjend: Né! | Feinten, hâld de fûsten ré!

3. Keardels, hâld de koppen koel! | Net forskrikke, | Net forblikke; | Hat ús God dit lân net jown, | Stean wy net op eigen groun? | War dy! for dyn stoere spraek; | Reitsje net to rêd oerstaek! | Klear yn 't each it greate doel — | Keardels, hâld de koppen koel!

4. Maten, hâld de herten gleon! | Ljeafde driuwt ús, | Ljeafde bliuwt ús | Krêft en stipe yn 't swier bistean; | Fryslân scil net ûndergean! | War dy! for dyn folk en tael, | Hâld it heech, dyn ideael, | En de driging wirdt fordreaun — | Maten, hâld de herten gleon!

5. Broerren, bûg de knibbels del! | Krêft fen Boppen | Yn to roppen | Ha wy nedich, eltse dei; | Sûnder God is Fryslân wei! | War dy! Striid yn 's Heare noed, | Dy't de foltsen ropt en stjûrt | Nei Syn ivich wiis bistel — | Broerren, bûg de knibbels del!

6. Fryslân ropt! De findels foar! | De âlde naesje | Hâldt wer faesje, | Doar de kleare wei wer gean | Nei syn rjucht, syn selsbistean! | War dy! Op de frijdom ta! | Eala, fria Fresena. | Kom, hwa't kin en wol en doar — | Fryslân ropt! De findels foar!

---

[1]) Striidrop fen de âlde Friezen.

16. Frij, froed, from. ▲

Fedde Schurer. L. de Rook.





2. Fryslân, wêz dysels, wêz froed; (twaris) | Hear de stoarm dy't rounom rûzet, | Fiel it jonge bloed det brûzet — | Moat de need yet heger gean? | Nou is 't tiid om op to stean! || De âlde rop is wier en goed: | Fryslân, wêz dysels, wêz froed! (twaris.)

3. Fryslân, wêz dysels, wêz from; (twaris) | Ho't it springtij om dy stige, | Ho't de dea dyn lân bidrige, | God, dy't dy ta wêzen brocht, | Makket tiid en takomst ljocht. || Wêz en bliuw Syn eigendom: | Fryslân, wêz dysels, wêz from! (twaris.)

4. Eala Fryslân, wêz dysels; (twaris) | Doar it izer hjit to smeijen, | Doar dyn eigen baen to feijen | Dwers troch frjemd en falsk fortoan | Ta dyn plak en ta dyn troan, || Frij en froed en from by elts: | Eala, Fryslân, wêz dysels! (twaris.)

17. Lânforhuzerssang.

T. G. van der Meulen. Flaemske folkswize.



2. Hird foel de libbensreis op dyn lânsdouwe; | De winsten lyts, de lêsten swier en great. | Mar koe 'k dêr mar op nij myn pakje sjouwe, | Myn heitelân, ik wier dêr ta yn steat! | Amerika, ensfh.

3. O, mocht ik wer dy Fryske klanken hearre, | Dy roune tael, dy sang sa gol en swiet, | Den koe 'k wol mei in

tankber herte stjerre | Yn 't frjemde lân, dêr nimmen my forstiet. | Amerika, ensfh.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 34.)

---

18. Houmanhou. *)

(Fêsteljoun.)

S. O. Roosjen.
(Hinleppen, 1855.)

Folkswyske.
Opteikene fen E. Brandsma.



2. Jin vriggen: „Mei we erris opstekke? | Toe Jildoe, Rimme, Vod en Triin! | Ho ken jim nou so noatig waeze, | Leét ues er doch mar ewen iin". || De doar koam op, iin schiin wol traaig, | Mar ealk vaan zoeg 't alliike graaig. (twaris.)

3. De viinten geéngen bii jem zitten, | De eéne hir en de oore der; | Jea heében 't al voaroaf biischerre | Dot ealk van jem dii kreég ziin ker; || De vanem weeren ek to vree, | Zo zeét ealk op ziin rogte stee. (twaris.)

4. De buetebor die waard iinschonken, | En der en goe stik soeker to. | Van gaan, der waard naat meer van praatte, | Et liike jem der virs te goe. || De vriesters wisten jem gin reé, | Dot ealk zo'n kanten vriejer heé. (twaris.)

5. De goeffe koam ek op de lappen, | Ealk weér zo noglik en zo blie; | De viinten toaten, bii zok zoengen | Der heerde ek wol het vogte bii. || Ealk joeg ziin jild den oen ziin vaan, | Om der mei om en zoep to gaan. (twaris.)

6. Jea blieuwn naat lang, dot iis to tiinken, | Want 't liik jem der doch al to wol. | De buetebor moast van de tafle, | Jea schaainken dae de glezzen vol; || No draainken ze op een goe vormaaik, | En ealk dii joeg ziin vaan en paaik. (twaris.)

7. „Et kortegeardjen", zeé dae de eene, | „Jis ziiker doch en bulte nogt; | Et iis moar spittig dot de tied den, | Jin 't aaig van ues, zo gaauw vorvlogt, || Want, eer dot alles rogt biigont, | Jis most de naait al haal vorrond. (twaris.)

8. Zoo geéng de tied al vaerdig henne | Mei goefjen, zoegen as en to; | Et paaikjen waard ek naat vorjetten, | Ealk deé ziin best zo goe't er koe. || Jea rekken danig oen de gang, | Trog dot et gles zo geéng iin zwang. (twaris.)

9. Van 't bakken, der koast naat van komme, | Der geéng to vuele tiid mei wei. | „Stol", zeé de een, „kiik ris bii de smoeger", | En nim et gaas der ris voar wei, || Den zouwe het wol better zaen; | Ealk tiinkt doch wol het dot iik maen?" (twaris.)

10. De deggereé biigoast to schiinen | En Vod, jo praatte van to gaan. | „Wol, zeeën de oore, dot ken zo nit, | Om boerren mutte we ommers, vaan!" || „No ja", zeé Vod, „dot wet iik wol, | Maen jimme dot 'k naat mei dwaan zol?" (twaris.)

11. Dae rekken ze allegaar om boerren, | Zolang, as 't tied waard van nei hues; | Ealk geéng dae mei ziin vriester henne, | En broat jer bii jerre ealders tues. || No op de droempel jitte en paaik, —|En oafdeénd weér die heéle zaaik. (twaris.)

12. Mar 't eéne paar koe't naat vorjette; | Jin weérne enkern zo wol biivond, | Liik as et mei et kortegeardjen | Wol vaaik, ja vuele tieden, ront: | Ho mennig paar komt der uet voart, | Der de eéne earst nooit om de oore toat. (twaris.)

13. Jin kortegeardjen alle wiiken | Zo vaaik, as't jer mar waatsje koast; | Mar o! de tiid biigoast to naaikjen, | Dot hii wol hest nei 't schip to moast: || Want as de schipper him mar schrieuw, | Weér 't vest, dot hii naat lang meer blieuw. (twaris.)

14. Et doere ek kort: want de oore wiike | Dae koam de breéf al mei de kaaig. | Om dot no tjen ziin vaan to sizzen, | Weér hii iin't earst wol heél het traaig; || 't Weér voar him ek en tiige toer, | 't Koam jer altiid oerschesmis oer. (twaris.)

15. Hii zeé: „Miin vaan! no mut w' hest scheide: | Want, miin! de schipper het mii schreénd, | Dat iik eanuete oer mut komme, | En 'k haald him ek zoo graaig to vreénd; || 't Jis voar mii ek en besten heér, | Waes derom naat zo vuele oersteér. (twaris.)

16. „O nee, miin viint: iik mut mii voegje; | „Et ziilen briingt et ommers mei? | Mar et zol't mii earst noatig waeze, | Want doe geést hir zo vier ewei, || O ja, as iik er rogt om tiink, | Jis't krekt of'k trog de groende zink." (twaris.)

17. „O vaan! doe geest mar vaaik uet neékjen, | Bii ate, ame, neef of nicht; | Dot zol de tied wol het vorkerte, | Wa wet, ho dot et dii vorligt; || En kom iik van de heérst weer tues, | Het zol dot waeze en nogt voar ues! (twaris.)

18. Kom, derom mut we no naat truere; | Haald altiid mar goo moe, miin vaan! | En oermoarn teénde zouwe vuije, | Want oer-oermoarn den mut iik gaan. || Van't voarjeér iiset den voar't lest; | Mar, miin! de knoap leit ommers vest?" (twaris.)

19. Dii naats dae weéren s'naat heel vleurig, | Trog dot et heart jem zeet zo haaig: | Want, as ze van et scheiden praatten | En oer et vutgaan van de kaaig, || Den zeéten ze allebei daastol, | Want den waard jem et moe zo vol. (twaris.)

20. Mar, eindlik, 't koast jem naat meer helpe: | De tiid weér der, dot hii moast gaan; | De tollers heében 't goed al helle; | Jo geéng stol bii de Foeke staan: || Der weéuwd'ze jit ris mei de dook, | En o! de kaaig geéng om de hook. (twaris.)

---

[1]) Sjuch: Liederen van Groot-Nederland, verzameld door F. R. Coers Frzn.

---

19. De flaekskop, de blau-each.

Fedde Schurer. H. K. Schippers.



2. De flaekskop, de blau-each | Is libben en soun, || Hy lit him net kringe | Fen erfdiel en groun. (twaris.)

3. De flaekskop, de blau-each, | Hy digert oer 't Waed, || En God hat syn tiid en syn | Takomst biskaet. (twaris.)

4. De flaekskop, de blau-each | Forriisde út syn slom — || En him driuwt gjin macht nei it | Dûnker werom. (twaris.)

20. Aon Schylinge. *)

Ds. J. Bakker (1854). Master Rotgans.



2. Dan slút ik myn earen | Of geet it te bont, || Dan kan ik net swye | Mar straf se terstont. (twaris.)

3. O Schylge myn lântse, | Sò droech en sò heach, || Hwat leisto dir froalik, | De Noardsé yn 't each. (twaris.)

4. Hò trots bin dyn dunen | Hò wyt is dyn sân, || Hò grien bin dyn helmen, | Myn jeaf Schylgerlân. (twaris.)

5. O Schylge, myn lântse, | Do leist my oan 't hort, || Hwa dy net rys priizet, | Dy docht dy te kort. (twaris.)

6. Sò fest asto steeste | Sò fest op dyn sân, || Wês fol brave minsken, | Myn jeaf Schylgerlân. (twaris.)

---

1) Omstavere fen G. Knop.

De seilen bin hîsset în top —
Mîn eagen kîkje 'k üt,
Of 'k nog kan sjean
't Dak fan üs hüske în 't glop.

G. Knop.

21. Skylgerlân.

G. Knop. B. D. Stobbe.



2. Schylgerlân, Schylgerlân, | Fry en Schylgers bloe Dyn strân; | Ewich sost Dyn tael bewearje, | Noait oan fremde jean Dyn hò't. | Schylgerlân, Schylgerlân, | Lân, troch eauwen fry, | Schylgerlân, Schylgerlân, | Fry en Schylgers bloe Dyn strân.

3. Schylgerlân, Schylgerlân, | Fest bewearje Dy Gods hân; | Sost dan ewich dorjen bloeë, | Net ferkwine, net fergean. | Schylgerlân, Schylgerlân, | Lân, fen God ús joun, | Schylgerlân, Schylgerlân, | Fêst bewearje Dy Gods hân.

22. Redbads dea.

J. Piebenga. Bjarni Thorsteinsson.



2. Fûgels skreauwe, hounen kleije, fjûrren lôgje fel, | Lit de prêsters 't hoars nou deije, slaen de alters del, | — Fryslâns frijdom giet forlern, frijdom forlern — | Weagewinner, nim d' oerwoune, far nei 't fierste lân, | Dêr't dyn goudbisleine stjûne brekt op rots en strân... | Thor tobritsen, 't Krús forriist, de ûngroun griist...

3. Redbad sylt de dei tomjitte, dei dy't nea net riist, | 't Skip forgiet yn tsjustre fierte, sa't it lot it wiist, | — Fryslâns frijdom is forlern, Redbad is wei — | Thor tobritsen, 't Krús stiet hearlik, fijân komt mei macht, | Gnjiddet 't âld lân jammerdearlik, slaveswipe slacht. | Oan de kym gjin rea to sjen, gjin nije dei...

My komt de rûzing ta myn earen,
Frjemd, driigjend as in hjerst'ge joun,
As yn in stil en eang fornearen
De sé hjar antlit lûkt yn tearen,
En brûzing giet hjar weagen roun.
In frjemde krêft riist út hjar herte
En lûkt yn swiere wjukslach oan,
En dôvet mei syn wyn it stjerte
En keart de moarn.

(Tsjinsang út „Kening Aldgillis".) *D. Kalma.*

---

23. Üüs Söl'ring Lön'.

Oersetting fen D. Kalma,
frij nij Chr. H. Christiansen. Thomas Hübbe.





1. Us Sölring lân, dû bist ús hillich, | Dû bliuwst fen ús yn lok en wea; | Wy earje aloan dyn wensten willich, | Dyn Sölring sprake ûntstjert ús nea. | Wy ljeavje dy, yn trou forbounen, | Salang't yn ús it libben bliuwt; | Ek dy't hjar wente om utens founen, | Hwaens langst dochs altyd ta dy driuwt. || Beart wyn, | is 't sinneskyn, | By hjerst ef blide simmer, | Hwet komt ef giet, | Dit stiet: | Oan Söl ús trou for jimmer. (twaris.)

2. De séwyn song mei súntsjes rûzjen, | Dêr't ik as bern yn 't widske laei; | Fen 't strân hearde ik it ivich brûzjen, | Gie ik oan memme hân ús wei. | De plakjes bin my nea ûntkommen, | As bern ús al by 't boartsjen djûr, | De finne, Maitiids fol fen blommen, | It dún, de dyk en d'âlde toer. || Beart wyn, ensfh.

3. De dingen dy't ús ljeaf do wierne, | Omfys'lje yet ús tinzen fêst: | De wei dy't wy nei skoalle giene, | It doarp, de heide wiid yn rêst. | Elts paed, det dún ef bou oerbôge, | Elts kampke, ta ús boartsjen ré, | De hichten, dêr't it kriikfjûr lôge, | It leit yet alles op syn sté. || Beart wyn, ensfh.

„Lewwer duad üs Slaav!"

Pidder Lung.

---

24. Oerein Jongerein! ▲

(For de Lânbou-Jongerein.)

D. H. Kiestra. Willem Zonderland.



2. Foarút Jongerein! fen it hjoed nei it moarn | En kennisse scil ús skewiele, | Mits net fen waenwizens en oermoed bidoarn, | Mar fen strange wierheitssin stiele. | It boerebistean sterket dy kennis oan, | Foarút! Jongerein, út it hjoed nei it moarn.

3. Haw ljeaf Jongerein! wêz wol sterk mar ek froed, | 't Is plicht fen ús neisten to hâlden, | To soargjen for 't fé en de fruchten mei noed. | Haw ljeaf it bidriuw fen ús âlden | En hingj' oan ús folk mei syn goed en syn tsjoed, | Haw ljeaf, Jongerein, bou op God en wêz froed.

4. Hâld heech, Jongerein, ús mienskiplike Boun! | Dan winne wy gloed en bisieling. | It libbet to kâld faeks sa ticht by de groun | For herten fol jeuchlike fieling. | Hâld heech dan de frjeonskip dy't elts by ús foun, | Oerein, Jongerein, for ús folk yn ús Boun.

Mar jong yet wird ik twongen
Yn ienheit to bistean
Mei al de staed'ge gongen
Dy't de seisoenen gean.

D. H. Kiestra.

---

25. Jongereinliet. ▲

(Bounsliet fen it Boun fen Frysk-nasjonale Jongerein.)

Fedde Schurer. L. de Rook (oan H. K. Schippers.)





2. De Aldehousklokken hja klippe 't oer 't lân: | 't Is stoarm oer ús doarpen en stêdden! | Hwet man is nimt lodde en leppe to hân, | Hwent hjoed is 't om Fryslân to rêdden. | Sa stean, jongerein, fen gjin driging forset, | Yn need en yn ljeafde foriene; | Wêz trou den oan Fryslân, it lân fen ús hert, | It frije, it Fryske, it iene!

3. Ja slach nou de trommen en blies op 'e hoarn | It folksliet fen moed en bitrouwen; | De skeanbane flagge stiet heech yn 'e moarn, | 't Is tiid om ús takomst to bouwen. | Foaroan, jongerein, dêr't de ropping it wiist, | It âlde bisterkje en fornije, | Oant wekker en weardich ús Fryslân forriist: | It Fryske, it iene, it frije!

Lokkich 't folk, fen God bigoede,
Det in maet en master foun,
Dy't de sang fen 't herte hoede,
Jierren oan syn wacht forboun.

Fedde Schurer
(oan Laurens de Rook).

---

26. Wêz jimsels.

(For de Snitsers.)

Fedde Schurer. H. K. Schippers.





2. Do't frjemdsin maet en master waerd | Gie frjemd by eigen foar, | Sa rekke Fryslâns folk fordield | En aerd en tael to loar. | Strak wier it eigen wêzen kwyt | En koe himsels net mear — || Mar det fortrette ús jongerein, (twaris) | Dy easke lûd en klear: | Wêz jimsels, ensfh.

3. Dû roune sprake, ús hert sa djûr | As oars gjin tael to wrâld, | Hjir sjuchst it jonge Fryslân ré | Ta striid om dyn bihâld! | Ja dû, ús alderljeafste lân, | Wêz uzes, Frysk en frij; || Us ljeafde, ús krêft, ús hert, ús hân, (twaris) | En alles is for dy! | Wêz jimsels, ensfh.

4. O greate God, hwaens heech bistjûr | Oer alle folken giet, | By hwaens genede ús heitelân | En memmetael bistiet, | Gin, det dit folk yn 't greate koar | Fen folken fier en hein, || It Fryske lofliet sjongt ta Jo, (twaris) | It lofliet sûnder ein. | Wêz jimsels, ensfh.

Stean op út soarch en lijen!
In eigen liet
Fen blidens en bifrijen
Wirdt los fen d' ierd' —

Gerben Brouwer.

27. By 't opgean fen 'e sinne. ▲

Gysbert Japicx. Stemme: Galathea, geestigh dier, ensf.



2. Kerse en lampe fen 'e dei, | Ul'fijân, iisteijer, | Moudestouwer, droege wei, | Nacht- en froastforjeijer, | Ljepper oer it wiet en droech, | Rounomrinner, nimmer slûch, | Ier en let allinne, | Wolkom, wolkom Sinne.

3. 'k Sjuch de nacht al rjue forflein | Mei syn brune wjûken; | Alle man dy riist oerein | En bigjint t' ûntlûken, | d' Iene ploeget, sieddet, eid't, | d' Oare skiep en kij forweid't, | Elk is drok yn roeren | Om syn dwaen to stjûren.

4. Alle djier, forhûge, sit | Rint, flucht, ljept en dounset, | Brinzget, derten bûte wit, | Blêrret, bôllet, gounzet. | Ein en gies yn 't wetter sljurk't, | 't Wylde fûgelt tureljurkt, | Libje yn fré en rêsten, | Bûte skeel en lêsten.

28. By 't opgean fen 'e moanne.

R. P. Sybesma.

Wize lyk as dy't hjir foar stiet.

1. Wolkom, wijing fen 'e wrâld | Reizger mank de stjirren, | Slomme- en dream- en minnefâd, | Mannich by ús jierren. | Nacht-each, det ús swijen docht | En troch wolk en dize tsjocht, | 't Hiele fjild oerskimert | En ús dwaen bimimert.

2. 'k Sjuch de dei al rjue forflein | Mei syn glâns en gloede; | Elkenien, op hûs ta tein, | Wirdt 't wer stil to moede. | Lins nou 't ark en 't tsjil en 't djier, | Fûg'lewjuk en fjildfortier: | Alles is to'n lêsten | Ré ta sliep en rêsten.

3. Al it fé wirdt sêd en slûch, | 't Snúft hwet, stint ef kôget | Wylst de dauwe, wyt en rûch, | Oer de ekers bôget; | Mar it nachtlûd ropt út 't reid | Troch de lette ienlikheit. | Hwet mei soks ús sidze, | Earne út sompe en dridze?

4. Dimmen skynfet fen 'e nacht, | Geale frjeon, froast-stiper, | Strúnderspleach en streupersljacht, | Lette druve-riper, | Seil op 't hege himelwiid, | Oarde mjitter fen ús tiid, | Golwei en goed hinne | Wolkom, poepesinne!

It moanneljocht rint yn 'e leanen gear:
De nachtbreid is op kommen;
En stjerren twinkelje wûnder en tear,
As dimmene doarpsklokken bromme —

Gerben Brouwer.

---

29. It sweltsje. ▲

H. G. van der Veen. ***



2. Forjit, forjit! ropt yn de simmer | Dy bliere fûgel ier en let; | Hy soarget for syn berntsjes jimmer, | Mar 't bliid „forjit" forjit him net. | Hear, minske, nei dat swiet forjitten | By simmerdrokte en beuzichheit; | God scil dy lean nei wirk tamjitte: || Forjit, forjit dyn swierrichheit! (twaris.)

3. Forjit, forjit! de blommen wylje, | Dy ljeave fûgel giet hjir wei; | Mar lit, as wylde stoarmen bylje, | De treast fen 't swiet „forjit" dy nei. | By stoarm en heil, yn kjeld en wiette, | It sweltsje libbet yn dyn hert; | Dy rûst yn 't leed syn liet tomjitte: || Forjit, forjit it sweltsje net! (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 8.)

---

30. Widze-sang.

R. Windsma. A. Brouwer–Prakke.



2. O! du witste' it net, | Het in hert dyn memme foar dy het; | Nee, dat witste net. | O, ljeaf bern! | Hja jouwt jern | Al herr' will' in reste | Dy to beste.

3. Priemckje den her hert | Naet mey krytten; want dat det her smert, | 't Priemcket herre' it hert. | Ljeave! kom! | Rest in slom! | 't Sliepcke schil dy fuwgje, | Mem forhuwgje.

4. Nacht, myn Ingel! nacht! | Mem befell't dy yn Goads hoede' in magt. | Nacht, myn Ingel! nacht! | Lytse pop! | Mem blieuwt op. | Sliep yn 's Hearne hoede | Wol to moede.

---

31. Maitiidssankje.

G. Rypma. A. Brouwer—Prakke.



2. Bliid wart him wer it fûgelhear, | Hjar sang rint yn ús harkjend ear, | Hwer eft wy rinne en geane. | Ho'n melodij | Biharkje wy, | As wy dy sang forsteane.

3. Al hwa't de maitiid wille bringt, | Det dy ek oan de Skepper tinkt, | Hwaens almacht foarjiers greatheid | En al dy pronk | De minske skonk, | Dy't nou natuer ús bleat leit.

32. Maeisankje.

Gerben Brouwer. A. Brouwer—Prakke.



2. Maeijewyn, Maeijewyn, | 'k Hear dy rûzjen fier en fyn | Op 'e moarntiid yn 'e dize | En ik kom myn keamer út, | Hwent dû sjongste foar myn rút | Amoreuze wizen.

3. Maeijewyn, Maeijewyn, | 'k Rin de wide fjilden yn; | Koe ik dy mar krije. — | Mar dû scilste yn dyn tsjoen | Wylde bruijers mei fetsoen | Wis wol jimmer mije. —

4. Maeijewyn, Maeijewyn, | 't Is al jierren, jierren lyn, | Det w' elkoarren moeten — | 'k Sjong en tierje troch it jier, | 'k Set dyn sankje op pompier | En foaral de groeten.

En ik sit iensum yn myn koele keamer
en bûg my koppich oer it dikke boek.
Omdôch! ik reitsje machtleas yn 'e fûk,
dy't maitiid jimmer spant for eltse dreamer.

Inne de Jong.

---

33. Maeitiid.

Simen Aukes (J. D. Baarda). J. Paardekoper.



2. 't Fûgelte sjongt yn it beamte en 't bringt | Tynge fen maitiid, hwer freugd yn wjerklinkt; | Blomkes sa wyt en it gêrs wer sa grien, | 't Winterkoarn fleurich, de kjeld hat nou dien.

3. Blommen op heide, yn 'e greide, oan 'e stream, | Blomte yn 'e bou en ek blomte oan 'e beam; | 't Is eft by 't siichje, dat sêftkes yen aeit, | Libben, nij libben tomjitte yen waeit.

De wich jonge Maeije
Rûst om ús haed,
Nou 't al ús langst en kleijen
Ta wille waerd.

Gerben Brouwer.

---

34. It fjild yn. ▲

A. M. van der Hem. J. L. de Jong Lzn.



2. Ja, 't fjild yn, it fjild yn! | Ljocht is de dei. | 't Leed fen 't forlyn | Dat dizenet wei... || O, alles tier't | En tierelier't | En myn herte, myn herte mei! (twaris) | Ja, 't fjild yn, it fjild yn! | Ljocht is de dei. | 't Leed fen 't forlyn | Dat dizenet wei...

---

35. Simmermoarn.

Waling Dykstra. * * *



2. Alles hwet libbet | Docht der nou sines by: | Fôltsjes en kealtsjes, | Hynsders en kij; || Goeskes, dy snetterje | Skiepkes, dy bletterje, | Lamkes, dy springe, | Nuvere blij. (twaris.)

3. 't Ljurkje yn 'e wolken, | De eintsjes yn 't lizich wiet, | Moskjes en sweltsjes, | Elts sjongt syn liet, || De ea'barren klapperje, | Ljipkes wjukwapperje; | Skries, op 'e hikke, | Ropt: grito-griet! (twaris.)

4. 'k Woe for gjin goune | Det 'k yet to sliepen laei, | 't Is my sa noflik | Ier op 'e dei. || Protters, dy tsjotterje, | De eksters, dy skatterje, | Alles is fleurich: | Ik bin it mei. (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 24.)

36. Simmerjoun.

J. R. Kloosterman. P. J. Troelstra.



2. Myld en frjeonlik blinkt it ljocht | Yn it westen, dêr't de sinne | Glânzen struit fen wille en nocht | Oer de griene greiden hinne: | 't Wirdt werkeatst, 't wirdt werkeatst | Yn it finster fen de pleats.

3. Fredich, rêstich yn in trop, | Sitte yn hege popelieren, | Yn 'e tûken, yn 'e kop, | Protters lûd to tierelieren, | Fleurich bliid, fleurich bliid | Klinkt hjar kweeljen wiid en siid.

4. Fen 'e blommen op 'e groun, | Fen 'e flear- en nageltûken, | Fen 'e greiden fier yn 't roun, | Komt in swiete wierook rûken, | Krekt as wier 't, krekt as wier 't, | Det Natûr in tankfeest fiert.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 50.)

37. It marke.

dr. E. Halbertsma. nei W. A. Mozart.



2. Men hearde nin flinter noch mich | Sa flodderjen oan 'e ich, | Ef gounzeljen oer 'e poel, | En ek nin mear bernegejoel. | Mar smûk, mei de kop yn 'e plom, | Sa driuwkelen de einkes rounom | Yn 't lizige blêddige gnod, | Swiet syljende yet yn 'e dod. | De dod, 'e dod.

3. En djip yn 'e ladene tsjalk | Song skûtefaer lyk as in alk | In sang fen de oerâlde tiid, | En wier mei it wyfke sa bliid. | En 't wyfke dan spoun en dat striik | En dig're aloan troch de riik | Ut 't healwei opskouwene lûk, | En wier by hjar hirdke sa kloek. | Sa kloek, sa kloek.

8. O joune! o ljeaflike dei! | Hwet tins ik dy faek efternei. | En hwerom, sei, fleachstou sa swiid, | Dou griene, dou goudene tiid? | Dou himelske midsimmerjoun, | Hwet wierstou sa rêd my forroun! | O kaemstou, ei mylde, o kom! | Ei, kom my dochs faker werom! | Werom, werom.

(Frysk Lieteboek, 2de útjefte, 1899, nr. 60.)

It greatste lok hat hy to wachtsjen,
Dy jimmer each for 't lytse het.

Sjoerd Meinesz.

---

38. De Ropster mounle.

A. M. Wybenga. E. Blom.



2. Kenne jim dat lytse terpke, | Dêr't dy hege mounle stiet, | Dêr't in rook fen d' âlde tiden | Oer de jonge hagen giet? | Ropta's namme, great en mâns, | Rêst op 't sté hjir d' ieuwen lâns || En dy harket as in liet. (twaris.)

3. Kenne jim fen giene tiden | Wol de wûnd're poëzij? | Kenne jim de bân fen 't foar'ge | Oan ús dagen, goed en nij? | Sjong 't den út op blide toan: | Ropster mounle, meal mar oan || Mei dyn macht fen melodij. (twaris.)

---

39. Winterwille.

Y. D(ouma?) J. L. de Jong Lsn.



2. Sterk as in dyk, | Spegels allyk, | Binne de sleatten | en poellen en fearten. || Feardich en stoer | Waeit men der oer! (twaris.)

3. Blier klinkt de rop: | „To, liz ris op!" | Sjuch se ris skreppen | en linich hjar reppen! || Binne s' op streek, | Roets — út 'e reek! (twaris.)

4. 't Flaggedoek winkt, | Feestmuzyk klinkt; | Hirdriders klauwe | en sjitte en stouwe || Snedich oer 't iis: | Skoan is de priis! (twaris.)

40. De heidebeam.

J. Ptebenga. Yslânske folkswize. (Tólf Synir.)



2. Hat in beam gâns blêdden, wrede en reade, | Reauntsje hja it kleiliet oer in deade, | Riist yn 't lûd in grousum byld: | Swingend swird, tosplintre skyld, bloedeagen wyld. | Keningssoannen, broerren, fochten beide | Op dy iens'me heide.

3. Seach de beam ien fallen, seach him stjerren, | Moast er machtleas lêste broersflok hearre, | Teach de moardner skurf dêr wei, | Feale dea dy liet er nei, do stoar de dei... | Bleau de beam, allinne in ûle geide | Oer dy iens'me heide.

41. Wâldsang.

Harmen Sytstra. nei W. A. Mozart.



2. Maimoanne pronkseal' binne de Wâlden, | 't Hôf klaeid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht; | Kijkes yn 't finlân rinne to weidzjen, || 't Noat weag't it fjild oer, swiid is de pracht. (twaris.) | Maimoanne pronkseal' binne de Wâlden: | 't Hôf klaeid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht. | Geal sjongt en slacht, geal sjongt en slacht.

4. Fryske biwenners habbe de Wâlden: | Hja libje froed en from, sljucht binn' s' en rjucht. | Eang fen útwrydskens, gol en ienfâldich, || Altyd deselde, hwer't men se sjucht. (twaris.) | Fryske biwenners habbe de Wâlden: | Hja libje froed en from, sljucht binn' s' en rjucht. | Sljucht binn' s' en rjucht, sljucht binn' s' en rjucht.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 17.)

---

42. Lofsang op 'e Fryske Marren.

(Studinte-wetterkamp 1936.)

Martha de Boer. Wize: Wâldsang.

1. Moai sûnder weargea binne de Marren; | Sêft wiuwend rizich reid oeral yn 't roun, | Silveren weagen, driuwende tillen, || Dûk'ljende fûgels, fearjend de groun. (twaris.) | Moai sûnder weargea binne de Marren: | Sêft wiuwend rizich reid oeral yn 't roun. | Oeral yn 't roun, oeral yn 't roun.

2. Midsimmers pronkseal' binne de Marren; | Rounom is pompegrien, markol dy dûkt, | Eintsjes yn 't wetter driuwe sa sêftkes, || Reidhintsjes boartsje, wytstirns dy spûkt. (twaris.) | Midsimmers pronkseal' binne de Marren: | Rounom is pompegrien, markol dy dûkt. | Markol dy dûkt, markol dy dûkt.

3. Nocht oars sa nearne jowe de Marren; | Oerfloedich libbensswiet, sounheit en tier. | Roeikje en sile, swimme en fiskje, || Sterkje de spieren yn 't simmerhealjier. (twaris.) | Nocht oars sa nearne jowe de Marren: | Oerfloedich libbensswiet, sounheit en tier. | Sounheit en tier, sounheit en tier.

43. Roeijersliet.

P. J. Troelstra. Finske folkswize.



2. Sjongende fûgels yn mieden en greiden, | Slomjende blommen hwer de dau op blinkt. | Brûzende weagen en waeijende reiden, | Poarperen sinne, sa moai, wyl't hja sinkt. || Jufalderaldera, jufalderaldera, | Hwêr det ik sjuch, winkt myn fanke my ta. (twaris.)

3. Dêr yn dat pleatske yn 'e beammen biskûle, | Dêr is it sinneljocht, dat skynt for my; | Dêr bloeit myn blom op in kersreade mûle, | Dêr is myn wille en myn sin, myn Marij. || Jufalderaldera, jufalderaldera, | Bring nou, myn boat, nei dat pleatske my ta. (twaris.)

4. As yn myn libben de stoarmen faek rûze, | As ek it tsjuster oer it wetter leit, | As ek de weagen wyld skomje en brûze, | 'k Wit fen gjin leed mei myn ljeaflike breid. || Jufalderaldera, jufalderaldera, | 'k Roei mei myn fanke fol moed der op ta. (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 29.)

Hwerom scoe ik net sjonge?
It is nou krekt oer it gea sa hoar . . .
Ik bin ommers in Fryske jonge,
En oars dooch ik dochs nearne foar.

Fedde Schurer.

---

44. Silerssankje.

S. J Kooistra. S. J. Kooistra.



2. Weachjes rôlje tsjin it boat. | Los de skoat! Los de skoat! | Skipkes glide ús foarby. | Fleurich sjonge wy! | En wy skommelje en wy dommelje, | Boatsje-farren is ús doel. | Nearne is 't better as op 't wetter | Fen de wide poel.

45. Silers-liet.

(De Fryske hirdsiler.)

dr. E. Halbertsma. M. de Boer.



2. Wetter, wetter is myn libben, | Hinget siel en sinnen oer. | 't Libben popert my troch d'ieren, || As ik oer de weagen stjûr. (twaris.)

5. Oer de Fryske markes driuwe | Yn de bliere simmertiid, | Yn de lije simmerjounen, || Makket hert' en sinnen bliid. (twaris.)

10. As de wite koppen stouwe, | 't Skipke kreaket, hellet, sûcht, | Den to slepen, hingjen, sjouwen, || Det is 't libben det my noecht. (twaris.)

13. Friezen binne wetterliuwen; | Het it wetter wille en noed, | 'k Wol in wetterpolsker bliuwe, || 'k Bin fen 't âlde Fryske bloed. (twaris.)

17. Skipkesile, skipkesile, | Dêrnei stiet myn Fryske sin; | Skipkesile, skipkesile, || Sa lang as ik tôgje kin. (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 36.)

46. Sile.

R. P. Sybesma. Willem Zonderland.



2. Nommele frjeon, sjoch, de seilen stean' roun. | Kom, nei de mar by 't gerûs fen 'e reiden; | Sinneglâns trillet oer 't leech fen 'e greiden, | 't Moaist fen dyn lân, fen dyn hillige groun.

3. Kom, nei de mar en wy wachtsje net mear. | Hommels de dertene koelte tomjitte! | Sile as it wyld yn 'e noegjende fierte, | Ré, troch de wyn, en wy lizze 'r op 't ear.

4. Jimmer yn 't boat en nea ha wy ús nocht; | Nea is de mar ús to wyld en wy geane | Nea mids it reid, ho't de weagen ek fleane: | Frjeon oan it roer en dyn rêch yn 'e bocht.

47. Wolkom oan 'e silerstiid.

P. J. Troelstra. J. Slofstra.



2. Yn de simmerjoun, | As de sinne sinkt, | En yn 't West de loft fen poarper blinkt, | As it haeijersliet | Oer de fjilden giet. | En de blauwe loft him spegelt yn it wiet. | O, den driuwe bliid | Feint en faem oer 't wiid. || Wolkom, wolkom moaije silerstiid! (twaris.)

3. Skoert by 't hjerst de stoarm | Alle wâlden leech, | Gean' de wylde weagen bergenheech, | Lit my den oan 't roer | Stride tsjin natûr, | Rizend, dûkend, fleane 't wylde wetter oer! | Hwet in wylde striid | Mei it skolprich wiid! || Wolkom, wolkom moaije silerstiid! (twaris.)

4. Ja, dy silersnocht | Is ús wille en sin, | Bringt de holle ús Friezen op 'e rin; | Hjir hwer't Eeltsje song, | Oer de marren stau, | Bliuwe wy ús âlde Fryske dregens trou. | Friezen bliuwe wy, | Sterk yn eltse striid! || Wolkom, wolkom moaije silerstiid! (twaris.)

Mei in lietke, dat eltsenien noaskje scil,
is it nau to hippen.

De preker op it Boalserter Nut.

---

48. Skippers-sankje.

dr. E. Halbertsma. * * *



2. Forjit my net, as millioenen stjerren | En 't frjeonlik moantsje my biskynt, | En dou swiet-dream' hast yn de sêfte fearren; || Forjit, forjit my net! (twaris.)

3. Forjit my net, as wylde touwerfleagen | My slingerje, dêr't God it wol; | As ik ompolskje mei de dead foar eagen; || Forjit, forjit my net! (twaris.)

4. Forjit my net, as wreed de stoarmen bylje | En 't libben hinget oan in tried; | As wy forslein oan 't needtou ride en fylje; || Forjit, forjit my net! (twaris.)

5. Forjit my net, as swarte tommelweagen | Oertrûzelje it warleas skip, | En alle eleminten tsjin ús teagen; || Forjit, forjit my net! (twaris.)

6. Forjit my net, as w' einling yet forsinke | En teare yn 'e djippe sé: | Wol den mei triennen, triennen om my tinke; || Forjit, forjit my net! (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 26.)

49. Weage-sankje.

D. Kalma. J. P. Wiersma.



2. Wyn, sjong ús dyn sankjes foar, | Nim ús yn de sésang mei, | Doop ús yn jimm' hill'ge gloar, | Blauwe sé en goud'ne dei; | Slomjend dêr't jimm' wijing giet, || Hearre wy in Ingle-liet. (twaris.)

3. 't Libben wêze ús as de sang, | Dy't de sé song sterk en great; | Fol fen ljeafde's langst en klang, | Wijing ta in heger steat; | Weagen sjong jimm' greatens goed, || Sjong ús ljeafde en langst yn 't moed. (twaris.)

50. Sémans-ôfskie.

A. J. Smeding.



2. Lit him wâlje, lit him woelje, | Brûzje en bromje, wyld en rou; | 't Frjeonehert' scil nea forkoelje, | 't Bliuwt nei jier en dei yet trou. | Hwer't wy doarmje, hwer't wy stouwe, | 'k Scil oan jimme tinken bliuwe, | Frjeonen! my sa goed en gol, | Jow' de hân my, en farr' wol!

3. God is by ús, hwer't w' ek binne. | Hwet hjir ljeaf hat, wirdt net skaet; | As jimm' jouns de stjerren sjênne, | Tink

oan my op 't fiere paed! | Oer ús skynt de selde sinne, | Hwer't wy op de wrâld ek binne; | Tink oan my op 't fiere paed; | Hwet hjir ljeaf hat, wirdt net skaet!

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 32.)

---

51. De Séman.

P. J. Troelstra. P J. Troelstra.



2. Hy sei oan 't strân: „Myn famke, | Gau kom ik ryk werom; || Den scil ik net wer skiede | Fen dy, myn ljeave blom". (twaris.)

3. It famke kamen de eagen | Sa fol fen súv're dau; || Hja lei hjar hân yn sines | En sei: „Ik bliuw dy trou". (twaris.)

4. By 't swalkjen oer de baren, | Oan lân, 't sij ier of let, || Yn stoarmen en gefaren, | Syn faem forgeat er net. (twaris.)

5. Do hat de sé him wonken, | En 't boldre hôl en rou: || De séman is fordronken, | Mar bleau syn famke trou! (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 9.)

52. Mar, o mar.

Jan fen 'e Gaestmar. J. Paardekoper.





2. 'k Hear it reid oan 'e igge rûzjen, | Sêftkes rûzjen fen 'e wyn; | 'k Hear it wetter brûzjen, brûzjen, | 't Sjongt in sankje fen lang forlyn. | 't Sjongt in sang fen bernewille, | 't Rûze-reauntet fen 't fortier, | Dat der troch myn herte trille, | Do 'k yet thús yn myn doarpke wier. | 'k Wird mei krêft, ensfh.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 56.)

Hwet liet is det ... ken ik dy klanken net ...
Ei, bûkje net, myn langjend harkjend hert,
It is in âlde sang, dy't yn myn earen klinkt,
It is in âlde dream, dy't foar myn eagen blinkt.

Bokke Simens.

53. Grouster weagen.

(Dokter Eeltsje sankje.)

dr. E. Halbertsma. P. J. Troelstra.



4. Rôlje, rôlje, Grouster weagen! | Brûs en spiel yet om myn grêf; | Libjend koe 'k dy net bisjonge, | Spiel my deade wei as tsjêf. | Lit myn berntsjes ljeaf en frij || Roeije en djoeije den yn dy. (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 39.)

54. Widzesang fen 't Sémanswiif.

P. J. Troelstra. T. E. Halbertsma.



2. Ynljeave jonge, ho glimkest' sa blij? | Dreamst' fen in ingel, dy wacht hâldt oer dy? | Kypje mar | Blier nei hjar, | Glimkje tsjin my. || Ynljeave jonge, mem is by dy! (twaris.)

3. Nou hast' gjin soargen, mar gau komme hja: | Ienkear moast ek nei de wetterkolk ta. | Den moast yn | Rein en wyn | Fier fen my wei. || Nou hast' gjin soargen, mem is dy nei! (twaris.)

5. Ynljeave jonge, ast' swalkest' op 't wiet, | Kin 'k dy net hoedzje tsjin ûnk en fortriet. | Ut dyn hert | Wyk ik net, | Al bin 'k ek wei; || Ynljeave jonge, mem bliuwt dy nei! (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 16.)

55. Nei Reikjavik.

Fedde Schurer. L. de Rook.





2. Farwol, de fiere séen winke, | Dy't wirk en brea for jierren ha; | Ik gean dêr't rots en iisberch blinke, | Ik far op fangst nei Iislân ta. | Nei Reikjavik, nei Reikjavik, | Nei Reikjavik om kabeljau; || Wêze 't in swier en noedlik stik — (twaris) ||Farwol myn faem, ik bliuw dy trou. (twaris.)

3. De wintertiid, de kâlde en wrede, | Driig' mei syn grym út Noard en East: | De trawler driuwt op Gods genede, | Ik bin gefaer en lijen treast. | Nei Reikjavik, nei Reikjavik, | Nei Reikjavik om kabeljau; || Wêze 't in swier en noedlik stik — (twaris) || Farwol, ik gean, en ik bitrou. (twaris.)

(Ut „Thúsreize", In Spil fen 'e Séwâl.)

Fangt de fleande krie aerne aet,
Ien dy sit dy kriget naet.

Gysbert Japicx.

---

56. It lot fen Tea.

Fedde Schurer. L. de Rook.



2. Troch de wyld oerstjûre baren | Brûsde de aek fen sterke Tea, | En yn stoarmen en gefaren | Woun hy wiif en bern it brea. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

3. Mar de nije tiden spritsen | 't Oardiel oer de Sudersé, | Al syn macht en rom wier britsen, | En de ôfslútdyk kaem ré. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

4. Ja, de sé koe 't inkeld witte, | En de moanne, rûch en rea — | Dêr sylde ien de nacht tomjitte: | 't Wier de aek fen sterke Tea. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

5. Yn dy neinacht ha de stoarmen | Bold'rjend op 'e skoarstien stien — | Wé, dy't do oer 't wetter doarmen — | Bin mei man en mûs forgien. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

6. Amper njuggen dagen letter | Spielde der in manljueslyk, | Roeike fen it widzjend wetter, | Tsjin 't basalt fen de ôfslútdyk. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

7. Sjong nou, sé, in liet fen smerte, | Om de stoere fisker Tea; | Oan 'e sé joech hy syn herte, | Yn 'e sé foun hy syn dea. || Sudersé, dyn skomjend wiid, | 't Is in sang út âlde tiid. (twaris.)

De skippen farre oer de sé,
Wol dagen boas en grym.
Sa grym en boas wirdt in jong hert
Det farre wol en it sjucht oars net
As in skip djip yn 'e kym.

D. A. Tamminga.

---

57. Sang.

J. J. Starter's „Gesangh",
Oerset fen Fedde Schurer.

Wize: Ghij die mij met
u braef gelaet.



2. Lyk hwet ik doch, ik yt, ik drink, | Ik sliep ef ik weits — | Mei leed is 't, det ik om dy tink, | O dû, myn formeits! | Ho 'k jimmer socht | Dyn each sa ljocht, | Dyn hoflike omgong fol fen nocht, | Dyn hoafske manearen, | Dyn swiete petearen, | Sa nolk ta myn earen, | As 'k harkje mocht!

3. Ta dizze jeften bistû yet | Rjue nommel en wiis — | Mar jimmer, miery, bleau dyn hert | Sa kâld my as iis. | O, ljeaf, biried | Dy dochs yndied. | Ef siz my sels hwet my misstiet. | 'k Scil dochs dy biminne, | Myn libben, myn sinne —. | Ho hâldst my, goadinne, | Yn dit fortriet?

---

58. „Friesch Pastorel".

(Frysk harderslietke.)

J J. Starter.

Wize: La Dolphine
(meidield fen A. Komter—Kuipers.)



2. Ik hab socht jon minne lang, (twaris) | Mar skamte hâldd' my yn bitwang | to swijen, to swijen. | Nou tins ik jo mei dizze sang | Ris ljeafelik to frijen.

4. Peaën, patsjes al den dei, (twaris) | Safolle, ljeafste, as ik mei | bybringe, bybringe, | Scil ik dy jaen, dos rin net wei, | Hwent det binn' swiete dingen.

7. Dêrom, ljeaf, jow my dyn hân, | Hwent al wier ik hear fen 't lân, | goadinne, goadinne, | Siker, ik winske oars gjin pân | For al myn trouwe minne.

59. Sjolle Kreamer's lillepypkersliet.

Gysbert Japicx. Pierre Guédron (1615)



3. Roaitske, ljeave herte, | Yn Sint Lammerts merk'| Sietstû op myn skerte, | Huningswiete wirk!
4. 'k Hearde dy dêr sjongen, | Hei! hwet wier 't in nocht! | Al myn lea dy sprongen | Az ik 'er oan tocht.

5. Swietert! ljeave skiepke! | Nou't ik fèn dy bin | Mielest' yn myn sliepke | Njunke en yn myn sin.
6. 't Drôgjen myn bijearren, | Ja, myn libben is, | 't Weitsen iz myn stjerren | Om't ik dy den mis.

12. Fyt! myn lea dy trilje, | Roaitske rinste wei? | 'k Kin my naet bistilje, | 'k Rin dy efternei.
14. Tiete scil dy tsjinje | Al syn libben troch, | En my dy forienje, | Hark myn kjirmen doch.

*) Boalserter hjerstmerke (17 Septimber).

60. Jonker Pyt en Sibbel.

De Jonker, thúskommen út Parys (it wier in waerme simmerjoun) sit op in bank oan de bûtenleane fen it slot. Sibbel, de slotboers dochter, komt, jok en amers oer de skouders, mei in linige stap de leane del.

dr. E. Halbertsma. * * *



2. *Sibbel.* Goên joun, Mynhear! Binn' jy der wer? | 'k Bin wrammels bliid, det ik it hear. | Ik roun hwet gysten troch de lean', | En woe sa nei de yester gean. | Mar Jonker, né!

ik koe jo net; | Ik tocht, jy wierne tier en fet, | Mar nou binn' jo de klean sa rom; | Ek sprieken jy sa nuver krom.

3. *Jonker.* (Hy kriget hjar by de hân, en smyt hjar it jok mei de amers fen de skouders.) Morbleu, mon coeur, vous êtes niaise. | C'est des galanteries françaises. | Kom, fop mij niet, mijn' lieve zus! | Gij weigert toch geen welkomskus? | Amusons-nous in deze laan, | En laat dat boerentuig maar staan! | Amusons-nous, amusons-nous! | Point d'amusements plus doux.

4. *Sibbel.* (Brimstiger.) Ei, fij, myn Jonker! fij, myn frjeon! | Hwet binn' jy rimpen, mâl en gleon. | Jy binne dochs in grytmans bern; | Fij! lit my ljeaver mar bitsjên. | Och né! — Kom foart! It wirdt to bot | Rin nei jins fammen op it slot. | Ik nim myn amers en myn jok; | Wy habbe it nou mar tige drok.

5. *Jonker.* (Hy glimket, en strykt syn great bosk hier yn 'e hichte.) | Ma foi, vous êtes plus difficile | Que les laitières de la ville. | Ei! laat mij maar eens met U gaan, | En kijk mij dan eens vriend'lijk aan. | Of meent gij, dat ik U niet min? | O ja! gij zijt mijn hart en zin. | Je lui ferai pourtant la cour. | Elle est trop belle voor een boer.

6. *Sibbel.* (Noartich.) Ik hâld net fen de Frânske swier. | Och! praet mar as forline jier. | Sprek net to folle fen jins hert; | Hwent siker, Sibbel leaut it net. | It streakjen, Jonker, helpt jo net: | Ik hab myn sin op Rommert set. | Dy wrot dêr yn it roggefjild; | Dy hab ik ljeaver as jins jild.

7. *Jonker.* (Hy gysgobbet.) Ah peste! Ah, quel trait mauvais! | Non, vive donc le goût français! | Wel, meisjelief! word toch niet zot. | Die vent? Ik lach mij nog kapot! | Gij zijt te vlug, gij zijt te schoon | Voor een zoo lompen boerenzoon. | Je suis un cavalier galant. | Ik bied U aan mijn linkerhand.

8. *Sibbel.* (Finnich en lilts.) Nin lofterhân, nin rjuchterhân | Fen sokken banjer fen it lân; | Mar earme Rommert, from en froed, | Dy wangen hat as mâlke en bloed. | Dêrom, o jonker Pyt, myn frjeon! | 'k Wier ljeaver by de Frânskes bleaun. | De famkes yn it Fryske lân, | Dy hâlde fen de rjuchterhân.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 43.)

61. It froalike famke.

J. G. van Blom. ***



2. Ik wyt net hwet dy fammen skeelt, | Dy't suchtsje dei oan dei. | As my it ien of 't oar forfeelt, | Den sjong ik dat mar wei. | En as m' in frijer strikken spant, | Den skou ik dy mar gau oan kant. | Ja! 'k wyt net hwet dy fammen skeelt; | Ik sjong de ljeafde wei.

3. It frije fûgeltsje yn it wâld, | Dat sjongt en fljucht yn 't wyld | En oan gjin ien him kepp'le hâldt, | Dat is altyd myn byld. | As it gealtsje jongen krijt yn 't nêst, | Den klinkt syn himmellûd for 't lêst. | Ja! 't frije fûgeltsje yn it wâld, | Dat is altyd myn byld.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 30.)

62. Ynskje en Oark.

J. G. van Blom.



2. Oark, bist' net wiis? | Ik op it iis? | Och, ik win noait net op redens in priis. | 'k Scoe it wol dwaen, wier 'k op 't iis mar hwet gauwer. | Feintsje, to leau my: ik bin mar in klauwer. | Oark, bist' net wiis? | Ik op it iis? | Ynskje wint noait net op redens in priis.

3. Ynskje, op 'e baen! | Wottû 't net dwaen? | Famke, hwet let dy om tawird to jaen? | Hingje mar op my, en lit dy mar sliere! | Falstû, den kinst' yn myn earmen wol gliere. | Ynskje, op 'e baen! | Scittû 't nou dwaen? | Ja, ja! ik wist wol detst' keap scoeste jaen!

4. Oark wier wol wiis, | Hwent op it iis | Mijde er de banen, biriden en griis. | Fier fen it folk, op it leech sa allinne, | Dreauke dit pearke sa noflik der hinne. | Oark

wier wol wiis, | Hwent op it iis | Woun er it hert' fen in famke ta priis.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 48.)

---

63. Wobbelke.

Gysbert Japicx. ***



2. Ik fiel 't oan 't kreauweljen, ljeaf, hwet my dert, | Myn gouden Ingelke, | Myn gouden Ingelke, | Myn gouden Ingelke, | Dû bist' yn 't hert.

3. O! 't Hert ûntfljucht my beid' myn eagen troch. | Ja 't rint ût my yn dy, | It tsjucht ût my yn dy, | It ljeapt ût my yn dy, | Az ik dy sjuch.

4. Ik kin naet wêze fen dy, swiete djier, | Ef ik moat stjerre ljeaf, | Ef ik moat stjerre ljeaf, | Ef ik moat stjerre ljeaf, | Dat 's inkel wier.

5. Help ljeafste, o litste my yn dokken kwea, | Paetke my swiete tût, | Paetke my swiete tût, | Paetke my swiete tût, | | Ef ik bin dea.

64. Pibe en Auk.

T. R. Dykstra. ***



2. Ljuentsjend mêdde hy him ôf, | Och, och, dy frijerij! | Auk bleau jimmer kwarteldôf; | Och, och, dy frijerij! | Pibe grynde allyk in bern, | Spriek fen fierwei foart to tsjên. — | 't Wier in griis om oan to sjên. | O, o, dy frijerij!

3. Al is ljeafdes onk sa swiid: | O, o, de frijerij! | Elk ding bettert mei der tiid; | O, o, de frijerij! | „Gik bin 'k", sei er einling sa, | „Wol dat fanke my net ha, | Den gean 'k nei in oaren ta!" | O, o, de frijerij!

4. Siz 't ús, Dokter, ho't it kaem? | O, o, de frijerij! | Hy waerd soun en siik de faem; | O, o, de frijerij! | Pibe socht in oare pop, | Pibe gyng wer keamer op, | Aukjen stiek it yn 'e krop. | O, o, de frijerij!

5. Pibe hie 't wer wakker skoan; | Fij, fij, sa'n frijerij! | Aukjen wier der minder oan; | Fij, fij, sa'n frijerij! | Pibe woe net graech hjar dea, | 't Griisde 'm danich om hjar wea, — | Nou binn' beide frisk en rea! | Ei, ei, sa'n frijerij!

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 34.)

65. De Boalserter Merke
fen
Hoatse mei syn Wobbel.

dr. E. Halbertsma. ***



2. Ik kaem hjar wer tomjitte | En seach hjar bjuster oan. | Ik seach hjar oan, ik seach hjar nei; | Mar seach hja my, den roun ik wei, || Ja roun ik wei, (twaris) | En like hast bistoarn.

3. Soms teach hja nei de kreammen, | En koft' hwet nije klean; | Mar hwet hja koft', en hwet hja die, | Of hwet hja to binoaskjen hie, || Binoaskjen hie, (twaris) | Hja moast my altyd sjên.

4. Den glûrke se oer it skouder, | Krekt as 't in skierkert wier; | En hwer't hja glûpte, of hwet hja seach, | Ik wier hjar nea net út it each, || Net út it each, (twaris) | Al wier 'k ek noch sa fier.

5. De joun bigoun to kommen | En 't foltsen gong to bier; | De famkes kuij'ren hân oan hân, | En hwet der wier yn 't Fryske lân, || Yn 't Fryske lân, (twaris) | Moast nou ris oan 'e swier.

6. Myn makkers teagen hinne | En namen elts in faem, | De pipen stieken se op 'e hoed, | En seinen: „Man, hwet bist' in bloed, || Hwet bist' in bloed, (twaris) | Ik wist wol, hwa't ik naem".

7. Myn bloed bigoun to koaitsjen, | Ik wist to wrâld nin rie; | Ik wier dochs yet mar sauntsjin jier | En nou al mei in faem to bier, || In faem to bier, (twaris) | Dêr 'k nea net dounse hie!

8. Nou stie ik by in kreamme | Fol koeke en swietekau; | Ik koft hwet dúmkes for de bern | En tocht den dêrmei wei to tsjen, || Wer wei to tsjen, (twaris) | Mar né, dat wier dêr: hou!

9. In hiele rig'le fammen | Dy kamen op my ta | En tomm'len my dêr op it liif, | En seinen: „Man, dêr is dyn wiif, || Dêr is dyn wiif, (twaris) | Hwent Wobbel woestou ha".

10. En Wobbel liet hjar sinke, | En patte as in wyld; | As pypkeniel oer rizenbrij, | Ja, noch wol swieter smakke 't my, || Ja, smakke 't my, (twaris) | Fen sok in aerdich byld.

11. En dêrmei, ûnder 't dounsjen | En patsjen sûnder ein, | Sei Wobbel: „Hwerom stunest' sa? | Dou woest my ommers lang al ha, || Ja, lang al ha, (twaris) | Ei! hiest' it my mar sein".

12. „Dêr", sei ik, „dêr, myn Wobbel! | Dêr hast' myn rjuchterhân. | Bliuw altyd rjucht en sljucht as nou, | Hâld jimmer dy oan Fryske trou, || Oan Fryske trou, (twaris) | Dêr is nin fêster bân!"

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte. 1930, nr. 29.)

66. Wobbelke.

J. G. van Blom. M. de Boer.



2. It fluchste famke | Is Wobbelke fen 't gea; | As 't jonge lamke, | Sa flink fen liif en lea. | It fljucht hjar alles fen 'e hân, | En rint en ljeapt hja troch it lân, | Nin gêrske krûkk't, nin blom lit skea: | Myn Wobbelke is fen 't hiele gea, fen 't hiele gea | It alderfluchste famke.

3. It ljeafste famke | Is Wobbelke fen 't gea; | As 't jonge lamke, | Sa derten en sa blea. | Hja laket altyd like blier, | Is altyd fol fen wille en tier, | Is altyd fjûrich, smûk en blea: | Myn Wobbelke is fen 't hiele gea, fen 't hiele gea | It alderljeafste famke.

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 49.)

---

67. Drachtster merke.

J. G. van Blom. M. de Boer.



2. Hja hie hjar wakker op dien | En oanklaeid mei bileid, | En alles siet sa prûzich, | As wier hj' in jonge breid; | Mar hwerom of hj' yn Sneinske klean | Just moast nei Drachtster merke gean, || Dat wist hja net. (twaris.)

3. Hja kuijere mei de fammen | De merke lâns en oer, | En nearne by de kreammen | Hie 't famke rêst of dûr; | Mar hwerom of hj' op 't selde sté | Nin eachwink stie yn rêst en fré, || Dat wist hja net. (twaris.)

4. Sa roun hj' al jimmer hinne | De kreammen op en del, | En seach hja den hjar bûrfeint, | Den waerd hja read en kjel; | Mar hwerom 't bloed nei 't holtsje teach | Sa faek it each hjar bûrfeint seach, || Dat wist hja net. (twaris.)

5. En gong hja den wer fierder, | 't Wier krekt as tsjoenderij: | Hja seach sa gou gjin feinten, | Of bûrfeint wier der by; | Mar hwerom hy, hwet koers hja naem, | Hjar jimmerwei tomjitte kaem, || Dat wist hja net. (twaris.)

6. 't Bigoun op 't lest to jounjen; | Dêr gong hja keamer-op. | En bûrfeint patte it famke | En neamde hjar syn pop; | Mar ho't hja, út it strjitt'krioel | Hjir smûk yn bûrfeints earmen foel, || Dat wist hja net. (twaris.)

7. Hja pattene as twa doukes | En leijen oan en oan, | En onder al dy wille | Forraske hjar de moarn; | Mar hwerom of 't sa nuver wie', | Dat hja noch lang hjar nocht net hie, || Dat wist hja net. (twaris.)

9. Nou teagen hja nei hûs ta | As breugeman en breid | En krigene op hjar boaskjen | De sein' fen mem en heit; | Mar dat it boask for jonge lie, | Yn eare en deugd, sa sillich wie', || Dat wist hja net. (twaris.)

(Frysk Lieteboek, 2de útjefte, 1899, nr. 27.)

68. Breidzje.

A. Boonemmer. Folkswize.



(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 19.)

69. Yn 'e Snitser merk.

Master Jouke
(Tsjalling Hiddes Halbertsma). Wize: O Bogchel gij pareert altijd.



2. En Setske fleach him om 'e hals, | En hâldde as in kladde. | „Ei famke!" sei er, „lit my los, | Oars pattest' my oan flarden." | Dêrmei gong 't keamer op. | En Tsjerk sprong mei syn pop. | Sjuch, feinten! sjuch hjar springen, | Hja lykje pûr as yn 'e brân, | Hja dounsje as hokkelingen | To maitiid yn it lân.

3. „To, spylman! doch nou mar dyn bêst, | Dou moast mar fiks-op strike! | Fen dounsjen krij ik noait myn nocht, | Al dûrret 't ek in wike. | Kom, Setsljeaf, kom mei foar! | Kom, feinten, mei eltsjoar! | Hjir hospes, hjir moast' wêze! | Earst moatt' w' in ynswiet sûpke ha, | Sok gûd kin my genêze, | Us sûpe en waei bin 'k ba!"

4. „'k Moat simmers altyd yn it mêd | En winters yn 'e groppe; | De kouwestirten bin 'k nou sêd, | Ik hâld it mei myn poppe. | Kom, nou ris fen 'e groun! | Kom, fammen, kom yn 't roun! | En is it jild forsprongen, | Den moatt' de hoedden fen 'e kop, | En oars for lege pongen: | Stryk op! stryk op! stryk op!"

(Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1930, nr. 50.)

Myn folk
hat fen in mounich deuntsje forlet,
for it bjinstap en it foarûnder.

Fedde Schurer.

---

70. Maitiidsljeafde.

D. Kalma. R. Beintema.



2. De wei lâns kaem sjongend in jonge sa bliid, | — 't Wier moarntiid en maitiid mei blomte — | Syn liet klonk oer 't fjild sa suver en swiid, | — Blau glânz'ge de himelske romte — | Hwa joech him dy goudene klang yn syn liet, | Sa klear as de sang fen 'e weagen — | Hwa dy't dêr sa bliid oer de mieden giet, || Mei bernlike glâns yn hjar eagen? (twaris.)

3. Hja moeten mankoar op de skadige wei, | — 't Wier moarntiid en maitiid mei blomte — | En seine mankoar sa skruten goendei, | — Blau glânz'ge de himelske romte — | Hja seagen mankoar fensiden hwet oan | En gyngen dô glimkjend togearre — | De Maitiid koe heech op hjar glânzige troan || It liet fen de ljurken hearre. (twaris.)

---

71. Gouke' Maeije.

Abe Brouwer. George Stam.





Swiet, ja swiet is 't, oer 'e miette
't Boaskjen for 'e jonge lie —

Gysbert Japicx.

72. As eltse nije Maeijedei.

J. H. Brouwer. Willem Zonderland.



Myn hert is hjoed fen fleur bifongen
En nimt in laitsjend liet for kar.

R. P. Sybesma.

---

73. It fanke yn 'e Skâns.

Fedde Schurer. A. Komter—Kuipers.



2. Der wennet in fanke foar yn 'e Skâns, | Dy stiet my aloan foar eagen; | Hja hâldt myn libben yn 'e blâns | Yn waer en wyn en weagen. | As 'k fiskje en far, en 'k tink om hjar, | Ja stoarm en ûnwaer, bear den mar — | Ik laitsje om jim fleagen. | Ja op det fanke, ensfh.

3. Der wennet in fanke foar yn 'e Skâns, | Dy hat sa'n mûtel mûltsje; | Yn 't iepen each in bliere glâns, | Yn ider wang in kûltsje. | En hwer ús aek ek hinne teach, | Dêr dream ik fen det iepen each | En fen det mûtel mûltsje. | Ja op det fanke, ensfh.

4. Der wennet in fanke foar yn 'e Skâns, | Dy freegje ik nije wike. | Hja jowt my grif de bêste kâns | Fen al hwa't om hjar stike | En 'k wit al lang, det reade wang | Is for in goede tút net bang, | Det mocht my faken blike. | Ja op det fanke, ensfh.

5. Myn ljeafste fanke dêr yn 'e Skâns, | Dû kinst myn hert bihage; | Dû jowst myn libben ljocht en glâns, | En tawird op myn frage. | Ja gean mei my, myn fanke, kom. | En ik scil dy, myn blanke blom, | Op beide hannen drage. | Ja op det fanke, ensfh.

De man wirdt earst man,
hat er frijen yn 't sin;
It wyfke hjar libben
hat den earst bigjin.

J. Klaasesz.

---

74. Fen min en Maeitiid.

D. A. Tamminga. J. J. van Weringh.



2. Hwent de ierde is in prûze breid, | De loft is fol bolbjirkenheid, | Ik hear de brilloftsangen. | Nou gean ik ljea om dy op wei | En sykje yn de maeijedei | Dyn soune mûle en wangen.

3. Myn ljea scil doch dy sang forstean, | Ek hja is hjoed to brilloft bean, | It feest fen wyn en blommen; | Wol tynt en tilt it wide sicht | En trilje lieten flinterlicht, | Hwet wachtet hja to kommen?

4. De maeitiid wier by my gjin tel. | Kaem nou myn ljea de mieden del, | De blommen om 'e sliepen, | Den naem ik alles hwet hja bea, | Den stoar myn langst in sêfte dea | Yn earmen, noegjend iepen.

75. Der wier in prûs jongfaem. ▲

dr. Y. Poortinga. H. K. Schippers.





2. Der wier in prûs jongfaem; | It lok is hjar ûntkaem. | De feint is do om fierrens gien | En foun nei 't sin in fanke; | De faem, hja joech dy oare dien | En tocht, it lok scoe wanke! | Hwa, dy't ensfh.

3. Der wier in prûs jongfaem; | It lok is hjar ûntkaem. | Hja klage: O, hwerom sa koel? | Do't hja dy feint wer mette. — | Ho faek komt ljeafde net to doel | En stjert yn 't ienlik herte! | Hwa, dy't ensfh.

Ik rin alhiel forwêzen om
En bin net mear my selme;
De swietrook fen in wûnderblom
Het my alhiel bidwelme.

Piter Jelles.

---

76. It feintsje fen Menaem.

Fedde Schurer.

Dútske folkswize
(Der Jäger aus Kurpfalz).



2. Myn ryk-rak fyts fen stâl! | Ik ryd him troch de hikke-daem | En set ek foart fen wâl | As 't feintsje fen Menaem. | Nou ja, ensfh.

3. Men sjucht my thús net wer, | Sa lang myn wrakke bân it hâldt; | Ik swalkje her en der | Oer hiel de wide wrâld. | Nou ja, ensfh.

4. Sjuch ik in bliere faem, | Ik ryd der net mei feart bylâns | As 't feintsje fen Menaem, | Mar 'k gryp myn goede kâns. | Nou ja, ensfh.

5. Jow ús in lytse klint, | In hoekje bou, in geit dêrta: | Al ha 'k gjin reade sint, | Ho skoan scil wy 't dêr ha. | Nou ja, ensfh.

77. By ûngelok.

Th. de Groot. George Stam.



't Nei-tinzen iz so swiet, ja swieter iz it my
Az pypkeniel en sûker oer 'e rizenbrij.

Gysbert Japicx.

---

78. De lietsjesjonger.

Fedde Schurer. S. A. Duursma.



2. Ik bin de sjonger fen doarp en gea, | Myn âld ynstremint is in bêste — | Myn ienichst biderf is frijdom en brea, | Mar fen 't earste krij 'k mear as fen 't lêste! | Alear hie 'k as jimme fêst wirk en fêst lean, | Mar myn earnige boer joech my dien — | Do keas ik it lietsjesjongersbistean, | En sjonge tsjin my docht gjin ien!

4. Kom minsken, in sintmannich for it muzyk? | Den kin ik mar ring wer forhúzje, | En strak, yn 'e lijte fen 'e sédyk | For dûbeltsje bokkens biplúzje. | Ik sit oer gjin tiid en gjin takomst yn noed, | De dream is myn ienichste tins — | Hwet let my! de boer en syn fammen bin goed, | En ik sliep yn 'e golle as in prins.

6. Och, ik wit wol, myn âlde harmoanika, | Hy kin jim âld sear net genêze — | Mar moat jim in spylman as treaster ha, | Hawar, den wol ik det wol wêze! | Hwet deale jow ik om fêst wirk en fêst lean, | Myn earnige boer joech my dien — | Mar ik keas it lietsjesjongersbistean, | En sjonge tsjin my docht gjin ien!

Aste de minsken in lietke jowste, dat yn wierheit in lietke is, den moatte hja sjonge eft hja wolle ef net. As de minsken, dêr 't for is, it lietke net sjonge wolle, den hat it mar ien brek: den doocht it net.

De preker op it Bolswerter Nut.

---

79. Dou bliuwst my by.

G. Colmjon. Bucher.



2. Ik tink oan dy, | by 't frjeonlik sinnegloeijen | Oer 't speeg'lich wiet; | As oer de mar | de moannestrielen djoeije, || Sjong 'k dy myn liet. (twaris.)

3. As 't wyntsje waeit, | fiel ik, myn skat, dyn amme, | Sa gold en myld; | En eltse blom | boekstavert my dyn namme, || Teant my dyn byld. (twaris.)

4. As 'k weitsje ef sliep, | dyn byld stiet foar myn eagen, | Ik tink oan dy | By sinneskyn, | yn stoarm en touwerfleagen, || Dou bliuwst my by! (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 14.)

80. Sé, dou wide sé!

P. J. Troelstra. Nei in Ierske folkswize.



2. Sé, sé, dou stoere sé, | Hwer mei myn feint dochs bliuwe? — O, lit oan d' âlde ré | Syn boat doch binnendriuwe! | Mar ho, dyn byld | Wirdt swart en wyld; | Dou bromst fen leed en lijen. | Ik fiel, ik sjoch 't, | Nin wille en nocht | Is mear for my to krijen. | Sé, sé, dou stoere sé, | Dou ropst' it my tomiette: | Faem, faem dêr oan de ré, | Dou moast dyn feint forjitte.

3. Sé, sé, sa wif en rou, | Berg'stou him yn dyn skerte, | Ik hâld him, ivich trou, | Bisletten djip yn 't herte. | Dyn weachgebrûs, | Dyn stoarmgerûs | Heech oer syn holle rôllet, | Allyk de smert | Djip út myn hert | Yn wylde weagen wâllet. | Sé, sé, sa wif en rou, | Berg'stou him yn dyn skerte, | Ik hâld him, ivich trou, | Bisletten djip yn 't herte.

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 33.)

Doarmje op wide wetterweagen,
Séën oer yn wylde rin,
Mei de grime dea foar eagen,
Det is sémans wiffe sin.

Piter Jelles.

---

81. Sémans klachte.

dr. E. H. Halbertsma.

Wize: Friedrich Glück
(In einem kühlen Grunde).



2. 'k Joech dy in ring op trouwe, | En swarde in eed dêrby; || Ik woe 'r in toer op bouwe — | Ho rêd forgeatstou my! (twaris.)

3. Nou mei ik floitsje ef sjonge, | Ik krij it doch net oars; || In rike boerejonge | Giet foar in earm matroas. (twaris.)

4. Nou wol 'k, hwer séën geane, | Nei 't fiere westen ta; || Oer wylde weagen fleane, | Nei 't frij' Amerika. (twaris.)

5. Moai Etke fen Teroele, | Sjuch, ik forstou as tsjêf. || Dou brochtst' my op 'e doele — | Ik siikje om myn grêf. (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 26.)

82. De mounlersdochter.

Waling Dykstra. Ingelske folkswize.



(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 22.)

83. Oan de kant fen de mar.

P. J. Troelstra. nei G. H. Rodwell.



2. Mei de wyn, mei de wyn dy oer 't wetter rûst, | Forfleach ús libbensdream: | Alle lok, alle leed is dêrhinne brûsd | As baren fen de stream. | Mar ús forboun in eed fen trou | For ivich oan elkoar, || Yn de simmernacht by stjerreljocht | Oan de kant fen de silvren mar. (twaris.)

3. As oer 't grêf, oer it grêf yet in libben bloeit, | Fynst my wer op dyn paed; | Hwent myn hert is mei dines sa fêst forgroeid, | Hja wirde yn 'e dea net skaet. | Den saei' wy del út heger loft | En fine wer elkoar, || Yn de simmernacht by stjerreljocht | Oan de kant fen de silvren mar. (twaris.)

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 48.)

It wier sa oerbitroud en 't skriemde stil yn my.
Der gie in âlde spylman oan myn hert foarby.

Joh. D. de Jong.

---

84. Richtsje fen 't Amelân.

S. H. Hylkema. L. Waldmann.



2. Mar det hjar hert net kâld as stien | En ûnforwinber wier, | Wist Rien, in jonge sékaptein, | Dy fen hjar 't jawird hie. | As hy op 't wide wetter wier, || It skip op wylde weagen stie, (twaris) || Nou doek, den riisde, bar om bar, | Tocht hja oan him en hy oan hjar. (twaris.)

3. Hy wier al wiken, moannen foart, | It foarjier kaem yn 't lân; — | Dêr spielde op in moaije dei | In man oan Aemlâns strân. | It wier it lyk fen Richtsje' Rien: || Syn skip wier op 'e kunst forgien. (twaris.) || Mei 't each op 't ljeave plakje groun | Hie hy syn dea yn 't wetter foun. (twaris.)

4. En dy't nou soms nei 't Aemlân giet, | Nei 't iensum Amelân, | Sjucht mûglik op in foarjiersdei | In wyfke oan it strân, | 't Is Richt, 't moai famke fen alear, || Dy sûnt dy tiid 't forstân forlear. (twaris.) || Al beart de stoarm, al spielt de rein, | Hja tidet op hjar sékaptein. (twaris.)

En as Michiel to spyljen komt,
Den bringt my syn harmoanika
Oan 't skriemen ta.

Fedde Schurer.

---

85. Wy litte de minsken mar preitse.

(Schylger tongslach.)

G. Knop. Wize: Die Lore am Tore



3. De winter, dy kôm mei sné en mei ies, | De reden woerr'n hallet fan solder, | Mei kressléën gong it oer stiinhôde grong | Tot let yn de jong, holderbolder! | Us mim seit: „Ik wit 'r alles fan ôf, | Fan sleedzjen en reedzjen komt trouwjen; | Wêz noe mar net bleu, dan krysto dyn famd, | Dir kanste gerust op fertrouwje!"

4. En 's middys op 't ies, ask stong op it ein, | Dir saech ik har oan komme swiere. | „Wost oplizze, borman?" Se kike my oan, | Da wist ik: 't wo'dt brulloft fiere. | Us mim seit: „Noe mot it mar gâu wêze eak", | En ús ta seit: „Of motte se meitse". | Mar ús mim en ús ta, dy jogge gyn cent, | Dy habbe mar makkelik preitse.

5. Ik siz tsjin myn famd: „'k Bin earem as Job, | Mar ús mim en ús ta sizze: trouwje! | En as wy dat dogge, dan wit ik forút, | Dan mosto de hele dei sjouwje". | Se kike my oan en se jôch my de hân | En sei: „Ik mot om dy leitse; | Wat joch ik om sjouwjen, as 'k bin by myn man: | De minsken, dy litte wy preitse!"

Sizzen is neat, mar dwaen is in ding.

---

86. Uill y harkya ende letet ioe sidsa . . . [1])

Akke de Vries. J. Slofstra.





2. Is Magnus ek wei, syn wird bliuwt wet, | De frijdom is 't heechste for 't Friez'ne hert. | Gjin rykdom en eare, oan frjemdsin forboun, | Mar ljeafdefol stribjend for d'eigen groun, | Sà moatt' Friezen wêze, sa lang de wrâld draeit, | Also langh so di wynd fanda wolkenen wayd.
Sa lang as de wyn fen de wolkens waeit, | Sa lang it gers groeit, | Sa lang de beam bloeit, | Sa lang as de sinne biskriuwt hjar baen, | Moat it tawijde Fryske studinten jaen!

---

[1] Wolle io harkje en lit it jo sizze....

Net: hjoed sa en moarn sa. Dreech úthâlde en de foet by de kûle!

* * *

87. Frjentsjerter klokkeliet. [1])

A. S. Miedema. Akke de Vries



3. Dykje, slatte, mar ek leare | Wier hjar wirk, mei God en eare. | Fen parochy, from en sljucht, | Kaem in stêd mei Rie en Rjucht. || Klepte, klepte Frjentsjers klokje (twaris) | For de nije, stedske groun | Waerd as wapen „'t klokje" foun.

4. For de Roomsken kaem in plage: | Al dy mûntsen binn' forjage! | d' Akadeemje is do komd | Fen it jild, fen 't kleaster [2]) nomd. || Klepte, klepte Frjentsjers klokje (twaris); | Ho it klokje soks wol foun? | 't Klepte fierder oer dizz' groun.

5. Wolforneamde kuratoaren, | Tige learde professoaren | En studinten by de rûs, | Fen tichtby en fier fen hûs. || Klepte, klepte Frjentsjers klokje (twaris) | Oer de swier en oer de swé | Yn de Bogt hjir fen Gunê.

6. Altyd wer leart de histoarje, | Det de dingen faek foroarje. | Mei de tiid kaem it bislút: | 't Is mei d' akadeemje út! || Klepte, klepte Frjentsjers klokje (twaris) | Noartlik oer de Fryske groun: | „d' Akadeemje is fordwoun!"

7. Frjentsjer moast it wol talitte, | Mar wy koene it net forjitte! | Op dit stikje hill'ge groun | Hawwe wy elkoarren foun. || En nou klept wer Frjentsjers klokje (twaris) | Oer de swier en oer de swé | Yn de Bogt hjir fen Gunè!

---

[1]) By de ynwijinge fen de âlde studinte-societeit „De Bogt fen Gunè", Desimbermoanne 1939 (nei it opkreazjen).
[2]) Fen 't kleaster St. Odulph to Himmelom.

It ûrwirk fen 'e tiden
Bliuwt net in omsjuch stean . . .

Jan fen 'e Gaestmar.

---

88. Studinte-silersliet. ▲

(For it wetterkamp.)

Y. Poortinga. George Stam.



2. Yn 'e jountiid foar de wâl, | Froulju e itensiede. | Feinten leau mar, det giet mâl! | Tafel wirdt de miede. | Den noch nei in doarp ta tein; | 't Leit al yn 'e slomme. — | Yn 'e koken fen kastlein | Litt' w' in skearbaes komme.

3. As in stoarm stiet op 'e mar, | Stoarmet ek ús holle, | Det wy dounsje bar om bar, | Mâlle fiten wolle. | Mar hwennear't in reinbui falt | Mei syn dof gerûgel, | Elts yn 't rom in teltsje stalt | By de glêzen fûgel.

4. En wy gean jouns troch de wyn | Yetris yn 't foarûnder; | Oare moarns mar 't wetter yn: | Swimme docht in wûnder. |

En it jild is gau forstreamd | Lyk ús jonge jierren: | Brûk se, ear't men âld dy neamt | Mei dyn silv'ren hierren.

5. Oan de tiid ha wy net tocht, | Oant wy skiede moatte | Nei it lêste feest fol nocht | Mei ûnwennich harte. | Deadskens falt ús op it liif, | As w' inoar forlitte: | 't Folk sjucht oeral like stiif, — | Yn ús sjongt it yette.

6. Takomm' jier den komme wer | Hwa't studint yet binne. | D' oaren moatte her en der | Yn it stokramt rinne. | En in nije jongerein | Hat it plak ynnommen, | Is ús mylde tiid forflein | En de kâlde kommen.

Op de moaiste ferskes wol it folk gjin mûle sette, as de wize net haget.

T. E. Halbertsma (foarwird Nij Frysk Lieteboek).

89. Brilloftsliet.

Akke de Vries. Akke de Vries.



2. Us Hobbe, in stoaterske hoanne allyk, | Sa stapt er mei Tryntsje — syn wiif! — oer 'e dyk. | Hja komme sa krekt fen 't Gemeintehûs ou, | Helj' op! Bliid wjerklinke ús brilloftssang nou: || Jûchhei, ensfh.

3. Sjoerd Skriuwer toast deftich en kreas op it pear: | „Ik winskje de jongtrouden lok, sein' en ear'!" | Tys Bûrman dy sprekt fen 'e ljeafde, haha! | Wylst knypt er Griet Jans yn 'e earmen, sa-sa || Jûchhei, ensfh.

4. Kom jonges, wy sette de flagg' op it hûs! | It foardragen jowt ús ek noft by de rûs! | Geart Slachter, hwet skeef

fen 'e wyn, winsket blier, | Det Tryntsje in poppe krijt twaris yn 't jier! || Jûchhei, ensfh.

5. Nou wolle wy skotse! Jongfolk, fen 'e stoel! | In „rounte" op 'e miette fen spylman's fioel'. | In skotse for trouden! It bı eidspear der by; | Fen „Jantsje, jow 'n hantsje" en „Pakke scil 'k dy"! || Jûchhei, ensfh.

6. Men yt en men drinkt, men is fleurich en blier; | De breugeman hâldt mar de klok yn 't fesier: | Hy wol mei syn wyfke sa graech út 'e wei, | Stil pykje hja út ûnder 't dounsjen, hei-hei! || Jûchhei, ensfh.

De spylman strykt syn fidel oan —
Fedde Schurer.

---

90. Studintesang.

Akke de Vries. Akke de Vries.



91. De trije barchjes fen Omke Jan.

Sibe Streker (tige frij nei it Ingelsk). Egyptysk soldateferske (?)



2. Wol trije barchjes hie dy man, | ch-an, pt-an, ft-allegear an, ensfh.

3. Hja rounen mei in krul yn 'e stirt, | ch-irt, pt-irt, ft-allegear irt, ensfh.

4. Hja rounen ek mei 't bleate gat, | ch-at, pt-at, ft-allegear at, ensfh.

5. Hja kamen foar in djippe sleat, | ch-eat, pt-eat, ft-allegear eat, ensfh.

6. Us Omke sprong der samar oer, | ch-oer, pt-oer, ft-allegear oer, ensfh.

7. Mar de barchjes ploften der midden yn, | ch-yn, pt-yn, ft-allegear yn, ensfh.

8. Mar Omke helle se der gau wer út, | ch-út, pt-út, ft-allegear út, ensfh.

9. Do jage hy se gau nei hûs, | ch-ûs, pt-ûs, ft-allegear ûs, ensfh.

10. Do hongen de trije stirtsjes slop, | ch-op, pt-op, ft-allegear op, ensfh.

En hwa't dy barchjes ringje wol,
dy moat him 't gûlen treastgje.

* * *

92. De Skotse Trije.

(Kar út motiven mei Fryske teksten.)

Ut it folk. Folkswizen.




mid.den ha. Jel.tsje, Jel.tsje, Jel.tsje, hwer.om li.de.stû yet sa? Wy
wol.le dy sa graech yn ús for.mid.den ha. Ik
woe wol graech, mar't scil net kin.ne, Hwent ik kin op myn skoech net
stean. As jim.me mei.in.oar my hwet hel.pe kin.ne, scil ik mei
jimm' to doun.sjen gean. De pik.trie is al hel.le, de
els is foun; Nou haw.we wy ús Jel. tsje, ús Jel.tsje al wor.n.



2. Sa stek ik myn els yn 't lear, sjuch! | Sa helje ik de piktrie der troch! | Sa slaen ik de soal der op fêst! | Sa docht de skoenmakker tige syn bêst!

3. Sa slaen ik it pluggepaed, | Sa slaen 'k gatsjes yn 'e naed, | Sa mep ik de pluggen der yn, | Dêr 't ik de soal mei oan 't boppest forbyn!

4. Sa slikje ik de soalkant glêd! | Sa meitsje ik it oerlear fet! | Sa jow ik de glâns oan 't lear! | Nou is de skoech den al hielendal klear!

Wird 'k yn dyn earmen noade,
Of rydst my foar de kroade?

D. A. Tamminga.

---

93. Moarn scill' wy de hjouwer slaen.

(Twastimmige slachsang.)

Fedde Schurer. Wize út Münsterland.



Fen hoksebokse, toatebel,
Fen hinne en wer, fen op en del,
Fen kreakeling, triangel,
Nou ha 'k dy oan 'e angel.

D. A. Tamminga.

---

94. Myn faem is foart.

(Twastimmige slachsang.)

Tekst út: „In doaze fol âlde snypsnaren",
fen Waling Dykstra en Tj. G. van der Meulen. A. Komter–Kuipers.



Ik wit fen 'e hege poëmen sa net
En it kin der ek grif wol sûnder —

Fedde Schurer.

---

95. Lange Sjoerd en lytse Sjouk.

(Twastimmige slachsang.)

Akke de Vries. J. M. Komter.



Helje op en set in slachsang yn,
Hei! dochst' ek mei?
In geklik wirdtsje op syn tiid,
Sei, det 's net wei —

* * *

96. Twa lippen.

(Twastimmige slachsang.)

Akke de Vries. J. M. Komter.



97. Integer vitae. [1])

(Twastimmige slachsang.)

Tekst út de „Rimen en Teltsjes"
fen de broerren Halbertsma;
it Latyn út in ode fen Horatius
(fragminten sûnder forbân). J. M. Komter.



[1]) Forlykje for de oarspronklike tekst: Q. Horatii Flacci, Lib. I, Carm. XXII. In ynmoaije, steatlike meldij fen J. J. Flemming is û.m. to finen yn „The Scottish Students' Song Book". S.

98. Hear, bliuw my nei.

(Nije Bondel [1938] Gesang 282.)

Oersetting Fedde Schurer. William Henry Monk.



2. Us koarte libbenstiid rint rêd nei de ein, | Wrâlds weelde wykt, syn rom is ring forflein. | Foroaring en forgean bringt eltse dei — | O, Jo, dy't nea foroarje, bliuw my nei.

3. Stean nêst my idere ûre dy't forgiet; | Hwer bleau 'k, as Jins genede my forliet? | Hwa dy't as Jo myn liedsman wêze mei? | Troch wolk en sinneskyn, o bliuw my nei.

4. Gjin fijân freezje ik yn Jins hoede, o Hear, | Gjin ûnk is swier, gjin triennen bitter mear. | De skrik fen dea, de eangst fen 't grêf is wei; | Oerwinder bin ik dochs, bliuw Jo my nei.

5. Hâld, Hear, Jins krús deun foar myn brekkend each, | Striel mei Jins glâns troch ierde' tsjuster reach, | Det twivels skaed forfljucht yn de iiv'ge dei — | Yn dea en libben, Hear, bliuw Jo my nei.

99. Moed en taforlit op Gôds ginste.

Gysbert Japicx.

Wize: Het finnig stralen van de son, ensf.
Hansken sneed het kocren was lang, ensf.



2. Dizz' keabel hâld ik fêst yn lêst, | God scil for my wol weitse. | Hwet Gôds ginst sein't | Doch nimmen skeint, | Dêr wol ik steat op meitse.

3. Om Gôds ginst iz myn winsk. Hwet minsk' | My haet, God scil my frije. | Hwet Gôds ginst sein't | Doch nimmen skeint, | Spyt wryt hja moat it lije.

4. Gôds ginst stiet fêst yn nead en dead, | Lit my dêroan naet tseagje. | Hwet Gôds ginst sein't | Doch nimmen skeint, | Dêr wol ik 't glêd op weagje.

5. 't Gong sêft, hird, woest, stil heech en leech, | Myn God stiet salm' to roere. | Hwet Gôds ginst sein't | Doch nimmen skeint, | Hy scil 't nei Lokstêd stjûre.

100. Fré-bea.

Gysbert Japicx. Tean: Schoonste Herderinne, ensf.



2. Jow ûz, is 't ûz sillich, | Jow ûz lânnen, alle saun, | Njue ta fré ljeafd'willich, | Jow ûz iendracht, lân oan lân, | Jow se as sein' fen Jon myld hân, | Fré 's op ierde 't wirdste pân.

4. Jow ûz rounomhinne | Mei ûz neibûrr' naesjefolk | Hwet for lânnen 't binne, | Fré dy fêst bliuwt, from en nolk. | Bring 't ploeg'izer yn dolks sté.|d' Himel op ierd' iz goune fré.

Dy't goed sjongt, bidt twaris.

Augustinus.

---

101. Op 't muzyk-sjongen.

Gysbert Japicx. Wize: Het daget uyt den oosten, ensf.



102. Op 't muzyk-sjongen.

(Oare âlde wize.)





2. Kin m' hjir so swiet muzykje | Det Gôds Geast 't herte yngiet | fen Gôdsfrjeon, hwet scil 't lykje | By 't himelsk ivich liet? | O Gôds frjeone'! hwet scil 't lykje? | O frjeone, sykje!

---

103. Te Deum Laudamus.

(Evangelysk Gesang 3, Nije Bondel [1938] Gesang 132.)

Oersetting Fedde Schurer. Maistre Pierre (Psalm 89).





2. De Apostels loovje Jo, forhearlike om Jins troan; | Profeten tsjûgje lûd en priizje Jo aloan. | De Hallels sjitte omheech út brede en blanke koaren | Fen Martlers dy't for Jo yn bloed en bannen stoaren; | 't Is hiel Jins tsjerke, eft hja striidt ef triomfearet, | Dy't Jo bilydnis docht en Jo yn sangen earet.

3. Lof hawwe de iiv'ge Heit op hege en blide toan, | Lof hawwe Hy, Syn wiere en iennichstberne Soan, | Lof ha de Hill'ge Geast, hy wol ús treaste en riede | En troch de nacht ús nei de ljochte himel liede. | Lof siz nou eltsenien dy't siele hat en amme, | Loovje ierde en himel nou Gods greate en hill'ge Namme.

4. Wy seingje Jo, o Hear, fen de iene yn de oare dei; | Us lof giet ivich yn alle ivichheden wei. | Lit troch ús nacht de teikens fen Jins ljeafde flamje; | Biwarje ús, wol ús dimm'ne hope net biskamje. | Jins kommen lûkt ús hert, der giet ús langstme hinne, | Untfermje Jo, o Hear, en lit ús net allinne.

104. Jounsang.

(Evangelysk Gesang 180, Nije Bondel [1938] Gesang 280.)

Oersetting Fedde Schurer. Chr. F. Richter (?)



2. Ik wit de groun fen myn bitrouwen, | Ek al oerroun de nacht myn dei. | Hy hat in rots om op to bouwen, | Dy't Hear, Jins heil forbiidzje mei. | Strak, striid en wirk myn hân ûntgongen, | As 't nei de joun fen 't libben giet, | Scil 'k for myn dagen, hjir ûntfongen, | Jo loovje yn heger, reiner liet.

---

105. Rêst, myn siele.

(Evangelysk Gesang 22, Nije Bondel [1938] Gesang 179.)

Oersetting Fedde Schurer. Joh. B. König (?)



2. Alles driuwt hjir om foroaring | En biklaget se eltse dei — | Rikt ûnrêstich ta de takomst, | Skriemt forteine tiden nei.

3. Rêst, myn siele, God is Kening, | Wêz tofreden yn dyn lot, | Sjuch ho't alles hjir foroaret: | Dû, bigear allinne God.

106. Op bergen en woastinen.

(Evangelysk Gesang 7, Nije Bondel [1938] Gesang 143.)

Oersetting Fedde Schurer. C. de Pauw.



2. Syn eagen geane yn trouwe | Oer aller minsken dwaen; | Hy wol hwa't op Him bouwe | Syn help en hoede jaen. | Hy heart de fûgels roppen, | Hy klaeit de lânnen grien; | Syn seine falt fen boppen | En Hy forjit net ien.

3. Jim ierde wyld gewrimel | Fen sé en loft en strân; | Jim fûgels fen 'e himel, | Jim fé fen bosk en lân — | Hwet libben hat en krêften, | Jim fine dei en nacht | Yn tûzen goede jeften | De teikens fen Syn macht.

4. Heil, Kristen! oan myn iene | En oare side is God; | Dêr't w' ús forlitten miene | Yn 't ienlik leed, is God. | Dêr trouwe frjeonehannen | Net rêdde, dêr is God; | Yn dea en deadske bannen | Is God, en oeral God.

107. It Luther-liet.

(Evangelysk Gesang 264, Nije Bondel [1938] Gesang 97.)

Oersetting dr. Y. Poortinga. Luther.



2. Mei eigen krêft tsjin syn gewelt | Den scoene wy 't forlieze. | Mar foar ús striidt de rjuchte helt, | God sels woe Him ús kieze. | En dit is 't tsjûgenis, | Det Hy de Kristus is, | De Heare Zebaoth, | Der is gjin oare God; | Hy scil it fjild bihâlde.

3. Sels as de wrâld fol divels wier, | Hjar oanslach scoe mislearje; | Gjinien fen uzes freze hie: | Wy kinn' de kamp wol klearje. | De foarst fen dizze wrâld, | Ho grym hy him ek hâldt, | Syn woedzjen nimt in ein, | Hwent him is 't oardiel sein: | Ien wird — en hy moat falle.

4. Hja scill' net komme oan it Wird | En neat der by bitinke. | Hy giet nêst ús, de striid is hird; | Syn Geast wol krêften skinke. | En nimme hja ús goed, | Us ljeafsten, eare en bloed, | It mei yet hinnetsjen! | Hja ha hjar lean forlern, | It Ryk moat ús dochs bliuwe.

108. Skipke fen ús Jezus' hoede.

A. M. Wybenga,
nei C. S. Adama van Scheltema.



2. Sintsje, strui for ús dyn glimkes, | Siichjes, driuw det boatsje oer 't wiet, | Weachjes, lied ús bea en psalmsang | Mei jimm' núndrjend hopeliet. | En brûst de sé, ensf.

3. Earmelytsen, sjuch de krúsflach | Wapprjend heech oer d'oaséaen, | Rêst by Jezus, dy't Him folgje | Scil gjin stoarm ef floed forslaen. | Sa riist ús psalm nei 't himelsk lân | Op amme fen 'e wyn: | 't Giet op 'e blide haven yn | En 't noegjend-ljochte strân.

109. De Hear is myn Hoeder.

(Evangelysk Gesang 198, Nije Bondel [1938] Gesang 184).

Oersetting Fedde Schurer. J. G. Bastiaans.



2. De Hear is myn hoeder, | Myn heil is Syn doel. | Hy laet m' yn genede | Nei kriten fen frede, | Hy hâldt my as 'k wifkje, | Hy draecht my as 'k foel.

3. De Hear is myn hoeder; | Al giet it troch 't grêf, | Lâns delten en paden | Fol deadlike skaden; | Yet, Hear, bliuwt myn treaste | Jins stôk en Jins stêf.

4. De Hear is myn hoeder; | Yn 't hert der woastyn | Bisterkje myn krêften | Syn himelske jeften; | Hy wol my forkwikke | Mei brea en mei wyn.

5. De Hear is myn hoeder; | Hy wiist my myn wei — | 'k Mei jimmer forkeare | Yn 't hûs fen myn Heare. | Aloan leit Syn ljeafde | In glâns oer myn dei.

110. Yn d'iere moarn.

Lútsen [Wagenaar]. Ludwig van Beethoven.



2. Sa ploeit Genede yn 't minskehert | De tsjustre fâlden fen de smert, | Mar struit ek yn dy fâlden 't ljocht | Fen frede Gods, dy Kristus brocht.

3. Oant David om syn harpe bea, | Hong hja dêr swijend, stil en dea; | Mar mocht er hjar oan 't triljen ha, | Gods ingels harken glimkjend ta.

4. Sa sliept it minsk', oant ier ef let | De Geast fen God him grypt yn 't hert; | Den trilje 'r snaren droef en blij, | En d' ingels sizze: hark en swij!

5. Den fynt er frede for syn hert, | Den fynt er treast for alle smert; | 't Wier skaed, al hwet him d' ierde brocht; | God jowt him 't wêzen, 't libben, 't ljocht!

(Nij Frysk Lieteboek, 4de útjefte, 1922, nr. 36.)

111. It liet fen de Wylde Mier.

D. A. Tamminga. J. Slofstra.



2. De Wylde Mier stiet yn it swé | Syn dei; hy jowt gjin tombré bod | Oan hwet to moarntiid yet ûnré | Foarwei de gleone sichte spat; | Hy fynt it yn 'e joun pas ier, | Hy is en bliuwt de Wylde Mier | En jowt gjin tombré bod.

3. De Wylde Mier kriig' fen de Boer | Wiidút de wite stikken wiisd, | En sûnt slacht hy gjin hael mear oer, | Hwerdet syn wapen sûst en wiist, | Hy meant it, by in Oar yn hier; | Dy mei de seine is de Mier, | De Oare is de Boer.

4. De Wylde Mier giet oer de wrâld | Syn drôve wegen tûzenreis; | Mar tûzenreis sa drôf it nôt, | Det siker falt de oare deis. | Wé, hwa't it klikkebikjen heart, | Him komt de Wylde Mier oer 't mêd... | Syn seine slacht yn 't nôt.

112. Pylger.

Gerben Brouwer. J. Slofstra.



113. Fré-bea.

Fedde Schurer. Theo de Vries.



2. Draech dyn stille Krysttiidsflamme | Ta de ljochter fen ús hert; | Dimmen scil it mei de frommen | Biidzje dyn folhearlik kommen; | Langstme lústeret dyn namme | As in hjit gebet —.

5. Jow ús langstme lûd en tonge, | Tsjuch ús mei dyn tsjinstklaed oan; | Yn dyn foarhôf is 't ús sillich, | Stim ús harpen heech en hillich, | Det hja klear him 't wolkom sjonge, | Gods en minsk'ne Soan —.

6. Kom den mei dyn súvre seine | Aller striders sillichst lean; | Jow de mêdde wrâld dyn wijing, | Bring de finz'nen dyn bifrijing; | Lit ús, frede, lêst-ûntteine, | Yn dyn ljochtglâns gean.

114. Sinne.

Fedde Schurer. Willem Zonderland.



115. Dêr giet, út ierde dûnkre wolken.

(Evangelysk Gesang 229, Nije Bondel [1938] Gesang 10.)

Oersetting Fedde Schurer. J. G. Bastiaans.



4. Jo bin mei frede ta ús kommen, | Mei frede en frijdom, wille en ear; | De beage is fen ús nekke nommen. | Godlof, wy bin gjin slaven mear. | Nou leit yn 't stof de stêf tobritsen | Fen dy't ús wrede driuwer wier; | En 't wapenreau yn flammen stitsen | Fen him dy't ús nei 't libben stie.

5. Hwet heil, wy hawwe in Bern ûntfongen, | In Soan joech God ús troch Syn krêft. | 't Biwâld is om Syn skouders hongen, | Syn lêst is licht, syn jok is sêft. | Syn namme is wûnderfol; syn dieden | Bin ljeafdewûnders, einleas ryk; | Hy bringt ús wer, nei wreevlich skieden, | Ta God, Syn reine bern allyk.

7. O Fredeprins, Jo kin de frede | Op ierde en yn myn siele jaen. | Jow eltse sûnder Jins genede, | Lit hiel de wrâld Jo hilde dwaen. | It Keninkryk moat Jo bihearre — | De troansit fen Jins hearlikheit | Hat God yn 't ivich rjucht groundearre: | Him wêz' de lof yn ivichheit!

Hy komt; eangje gjin bannen en gjin dea,
wachtsje op it teiken, det Syn takomst wiist,
yet is it nacht, mar 't easten wirdt al rea —
strak brekt de loft en d' ivige sinne riist.

Inne de Jong.

---

116. Krystliet.

Inne de Jong. J. Slofstra.



2. Skepers teagen ta Jins frede | fen hjar iensme wacht; | lied ek ús ta Jins genede | út ús neare nacht. | Fei de fluezen fen ús eagen | en oerwin ús hert; | brek de macht fen waen en ljeagen | det hja sinkt en stjert.

3. Lit de wrede goaden falle | fen hjar hege troan; | jow Jins bern, ho ek forballe, | wer hjar keningskroan. | Jow de moed wer om to tsjûgjen | fen Jins hearskippij: | dy't for Jo allinnich bûgje, | wirde sterk en frij.

4. Troch de nacht fen dizze tiden | liede ús de Stjer, | hilligje nei leed en striden | ta Jins fredè ús wer. | Lof en liet en ivige eare | klinke ta Jins troan; | aller slachten heil en Heare, | nim ús ivich oan.

. . . . .

Sa bin wy roerleas yn 'e joun
Ta biddend büdzjen wijd,
Oant God oer ús bistille hert
Syn Pax Vobiscum seit . . .

Fedde Schurer.

---

117. Aldjier.

(Evangelysk Gesang 160, Nije Bondel [1938] Gesang 292.)

Oersetting Fedde Schurer. Hernhutterske meldij.



2. Slachten foar ús bin fortige, | Op hjar grêven bloeije wy. | Strak forbrekt de dea ús rige; | 't Minskdom waeit as leaf foarby. | Moude, ieu oan ieuwen lêzen, | Leit yn 't selde grêf forlern — | Bûten Jo, o ivich Wêzen, | O, hwet wier in minskebern!

3. Skou den jierren, skou mar hinne | Mei jim bliidskip en jim wea; | 'k Wit, hwet rampen my birinne, | God, myn God, foroaret nea. | Briek ek al hwet w' ea bistribben, | Foartlaet oan Syn trouwe hân, | Loaits ik út dit neatich libben | Yn myn ivich Heitelân.

Ynhâlds-opjefte.

Marslieten en oare lieten, dy't gaedlik achte wirde meije om rinnende-weis op to heljen, binne mei ▲ oantsjut.

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
1	Fryske sang (F.L.)	T. R. Dykstra (1820—1862)	. . .
2	Frysk folksliet	dr. E. Halbertsma (1797—1858)	nei H.Chr.Schnoor
▲ 3	Frysk bloed, tsjuch op! (O.)	Fedde Schurer (* 1898)	J. Slofstra (* 1910)
4	It Heitelân (N.F.L.)	J. L. van der Burg (1864—1905)	J. Lindeman
▲ 5	Wy, wy litte ús tael net farre (F.L.)	G. Colmjon (1828—1884)	M. de Boer (1799—1889)
6	De Fryske tael (N.F.L.)	Waling Dykstra (1821—1914)	nei in folkswize
7	Fryslân (F.L.)	dr. J. H. Halbertsma (1789—1869)	wize út it Berner Oberland
▲ 8	Flaggeliet (N.F.L.)	Jan fen 'e Gaestmar (* 1872)	T. E. Halbertsma (1848—1912)
▲ 9	Wy hâlde 'm heech (B.)	Fedde Schurer	H. K. Schippers (*1893)
▲ 10	Gölj - rüdj - ween (Noardfrysk flaggeliet)	A. Johannsen Jr.	P. Nissen
11	De rom fen Fryslân	J. J. Starter (1594—1626); oers. D. Kalma (* 1896)	J. Vredeman (de Vries)(?) (1559—1621)
12	O God, forlit ús Fryslân net! (F.L.)	J. Troelstra (1833—1906)	L. Waldmann
13	It âldershûs (N.F.L.)	P. J. Troelstra (1860—1930)	nei H. R. Bishop
▲ 14	Eala fria Fresena! (N.F.L.)	P. J. Troelstra	P. H. de Groot
▲ 15	War dy! (B.)	Fedde Schurer	R. Beintema (* 1893)

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
▲ 16	Frij, froed, from (B.)	Fedde Schurer (* 1898)	L. de Rook (* 1884)
17	Lânforhuzerssang (N.F.L.)	T.G. van der Meulen (1824—1909)	Flaemske folkswize
18	Houmanhou (Fêsteljoun)	S. O. Roosjen (yn 1855)	folkswyske, opteik. fen E. Brandsma
19	De flaekskop, de blau-each	Fedde Schurer	H. K. Schippers (* 1893)
▲ 20	Aon Schylinge	ds. J. S. Bakker (yn 1854)	master Rotgans
▲ 21	Schylgerlân	G. Knop	B. D. Stobbe
22	Redbads dea (B.)	J. Piebenga (* 1910)	Bjarni Thorsteinsson
▲ 23	Uüs Söl'ring Lön'	Chr.H.Christiansen; frije oers. D. Kalma	Thomas Hübbe
▲ 24	Oerein Jongerein! (For de Lânbou-Jongerein)	D. H. Kiestra (* 1899)	Willem Zonderland (* 1884)
▲ 25	Jongereinliet (Bounsliet)	Fedde Schurer	L. de Rook
▲ 26	Wêz jimsels (O.)	Fedde Schurer	H. K. Schippers
▲ 27	By 't opgean fen 'e sinne	Gysbert Japicx (1603—1666)	17de ieuske wize
28	By 't opgean fen 'e moanne	R. P. Sybesma (* 1894)	selde wize
▲ 29	It sweltsje (N.F.L.)	H. G. van der Veen (1816—1887)	. . .
30	Widzesang	R. Windsma (1801—1862)	A.Brouwer-Prakke (* 1901)
31	Maitiidssankje	G. Rypma (* 1878)	A.Brouwer-Prakke
32	Maeisankje (K.)	Gerben Brouwer (* 1902)	A.Brouwer-Prakke
33	Maitiid	Simen Aukes (J. D. Baarda) (1836—1903)	J. Paardekoper (1875—1931)

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
▲ **34**	It fjild yn	A. M. van der Hem (* 1899)	J. L. de Jong Lsn. (* 1893)
35	Simmermoarn (F.L.)	Waling Dykstra (1821—1914)	. . .
36	Simmerjoun (N.F.L.)	J. R. Kloosterman (1847—1914)	P. J. Troelstra (1860—1930)
37	It marke (F.L.)	dr. E. Halbertsma (1797—1858)	nei W. A. Mozart (1756—1791)
38	De Ropster mounle	A. M. Wybenga (* 1881)	E. Blom (* 1914)
39	Winterwille	Y. D(ouma?)	J. L. de Jong Lsn.
40	De heidebeam	J. Piebenga (* 1910)	Yslânske wize
41	Wâldsang (F.L.)	Harmen Sytstra (1817—1862)	nei W. A. Mozart
42	Lofsang op 'e Fryske marren	Marthe de Boer	selde wize
43	Roeijersliet (N.F.L.)	P. J. Troelstra (1860—1930)	Finske folkswize
44	Silerssankje	S. J. Kooistra	S. J. Kooistra
45	Silers-liet (F.L.)	dr. E. Halbertsma	M. de Boer (1799—1889)
46	Sile	R. P. Sybesma (* 1894)	WillemZonderland (* 1884)
47	Wolkom oan 'e silerstiid (V.)	P. J. Troelstra	J. Slofstra (* 1910)
48	Skippers-sankje (F.L.)	dr. E. Halbertsma	. . .
49	Weage-sankje	D. Kalma (* 1896)	J. P. Wiersma (* 1894)
50	Sémans-ôfskie (F.L.)	A. J. Smeding (1820—1902)	. . .
51	De séman (N.F.L.)	P. J. Troelstra	P. J. Troelstra
52	Mar, o mar (F.L.)	Jan fen 'e Gaestmar (* 1872)	J. Paardekoper (1875—1931)

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
53	Grouster weagen (Dokter Eeltsje sankje) (N.F.L.)	dr. E. Halbertsma (1797—1858)	P. J. Troelstra
54	Widzesang fen 't sémanswiif (N.F.L.)	P. J. Troelstra (1860—1930)	T. E. Halbertsma (1848—1912)
55	Nei Reikjavik (B.)	Fedde Schurer (* 1898)	L. de Rook (* 1884)
56	It lot fen Tea (O.)	Fedde Schurer	L. de Rook
57	Sang	J. J. Starter; (1594—1626) oers. Fedde Schurer	17de ieuske wize
58	„Friesch pastorel" (Frysk harderslietke)	J. J. Starter	17de ieuske wize
59	Sjolle Kreamer's lillepypkers-liet	Gysbert Japicx (1603—1666)	Pierre Guédron (yn 1615)
60	Jonker Pyt en Sibbel (F.L.)	dr. E. Halbertsma	. . .
61	It froalike famke (F.L.)	J. G. van Blom (1796—1871)	. . .
62	Ynskje en Oark (F.L.)	J. G. van Blom	. . .
63	Wobbelke (sjuch 66) (N.F.L.)	Gysbert Japicx	. . .
64	Pibe en Auk (F.L.)	T. R. Dykstra (1820—1862)	. . .
65	De Boalserter merke fen Hoatse mei syn Wobbel (F.L.)	dr. E. Halbertsma	. . .
66	Wobbelke (sjuch 63) (F.L.)	J. G. van Blom	M. de Boer (1799—1889)
67	Drachtster merke (F.L.)	J. G. van Blom	M. de Boer
▲ **68**	Breidzje (N.F.L.)	A. Boonemmer (1823—1894)	folkswize
69	Yn 'e Snitser merk (F.L.)	master Jouke (Tsj.H.Halbertsma; 1792—1852)	folkswize

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
▲ **70**	Maitiidsljeafde (K.)	D. Kalma (* 1896)	R. Beintema (* 1893)
71	Gouke' Maeije (O.)	Abe Brouwer (* 1901)	George Stam (* 1905)
▲ **72**	As eltse nije Maeije-dei	J. H. Brouwer (* 1900)	Willem Zonderland (* 1884)
73	It fanke yn 'e Skâns (O.)	Fedde Schurer (* 1898)	A.Komter-Kuipers (1876—1943)
▲ **74**	Fen min en Maeitiid (B.)	D. A. Tamminga (* 1909)	J. J. van Weringh (* 1911)
▲ **75**	Der wier in prûs jongfaem (B.)	Y. Poortinga (* 1910)	H. K. Schippers (* 1893)
76	In feintsje fen Menaem	Fedde Schurer	Dútske folkswize
77	By ûngelok	Th. de Groot	George Stam
78	De lietsjesjonger (K.)	Fedde Schurer	S. A. Duursma (* 1915)
79	Dou bliuwst my by (N.F.L.)	G. Colmjon (1828—1884)	Bucher
80	Sé, dou wide sé (N.F.L.)	P. J. Troelstra (1860—1930)	nei in Ierske folkswize
81	Sémans klachte (N.F.L.)	dr. E. Halbertsma (1797—1858)	Friedrich Glück
82	De mounlersdochter (N.F.L.)	Waling Dykstra (1821—1914)	Ingelske folkswize
83	Oan de kant fen de mar (N.F.L.)	P. J. Troelstra	nei G. H. Rodwell
84	Richtsje fen 't Amelân	S. H. Hylkema (1852—1922)	L. Waldmann
85	Wy litte de minsken mar preitse (Schylger tongslach)	G. Knop	Dútske wize
86	Uill y harkya ende letet ioe sidsa....	Akke de Vries (* 1908)	J. Slofstra (* 1910)
87	Frjentsjerter klokkeliet	mr. A. S. Miedema (* 1867)	Akke de Vries (* 1908)

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
▲ 88	Studinte-silersliet (B.)	Y. Poortinga (* 1910)	George Stam (* 1905)
89	Brilloftsliet	Akke de Vries (* 1908)	Akke de Vries
▲ 90	Studintesang	Akke de Vries	Akke de Vries
91	De trije barchjes fen Omke Jan	Sibe Streker (S. N.)	soldateferske(?)
92	De Skotse Trije	út it folk	folkswizen
93	Moarn scill' wy de hjouwer slaen	Fedde Schurer (* 1898)	wize út Münsterland
94	Myn faem is foart	út: „In doaze fol âlde snypsnaren"	A. Komter-Kuipers (1875—1943)
95	Lange Sjoerd en lytse Sjouk	Akke de Vries	J. M. Komter (* 1905)
96	Twa lippen	Akke de Vries	J. M. Komter
97	Integer vitae (V.)	Broerren Halbertsma	J. M. Komter
98	Hear, bliuw my nei (K.)	oers. Fedde Schurer	William Henry Monk (1823—1889)
99	Moed en taforlit op Gôds ginste	Gysbert Japicx (1603—1666)	17de ieuske wize
100	Fré-bea	Gysbert Japicx	17de ieuske wize
101	Op 't muzyk-sjongen	Gysbert Japicx	17de ieuske wize
102	Op 't muzyk-sjongen	Gysbert Japicx	oare âlde wize
103	Te Deum Laudamus (K.)	A. van den Berg (1733—1807); oers. Fedde Schurer	maistre Pierre (likernôch 1561)
104	Jounsang (K.)	H. A. Bruining (1738—1811); oers. Fedde Schurer	Chr. F. Richter(?) (om 1700 hinne)
105	Rêst, myn siele (K.)	P. L. v. d. Kasteele (1748—1810); oers. Fedde Schurer	Joh. B. König(?) (1691—1758)
106	Op bergen en woastinen (K.)	Chr. Chr. Sturm (1740—1786); oers. Fedde Schurer	C. de Pauw (1739—1803)
107	It Luther-liet	Luther (1483—1546); oers. dr Y. Poortinga	Luther

Nr.	Titel	Dichter	Toansetter
108	Skipke fen ús Jezus' hoede	C. S. Adama van Scheltema (1819—1897); oers. A. M. Wybenga (* 1881)	. . .
109	De Hear is myn Hoeder (K.)	J. J. L. ten Kate (1819—1889); oers. Fedde Schurer (* 1898)	J. G. Bastiaans (1812—1875)
110	Yn d'iere moarn (N.F.L.)	Lútsen (Wagenaar) (1855—1910)	L. van Beethoven (1770—1827)
111	It liet fen de Wylde Mier (K.)	D. A. Tamminga (* 1909)	J. Slofstra (* 1910)
112	Pylger (K.)	Gerben Brouwer (* 1902)	J. Slofstra
113	Fré-bea (K.)	Fedde Schurer	Theo de Vries
114	Sinne (B.)	Fedde Schurer	Willem Zonderland (* 1884)
115	Der giet, út ierde dûnkre wolken (K.)	Nic. Beets (1814—1903); oers. Fedde Schurer	J. G. Bastiaans
116	Krystliet (B.)	Inne de Jong (* 1894)	J. Slofstra
117	Aldjier (K.)	Rhijnvis Feith (1753—1854); oers. Fedde Schurer	Hernhutterske meldij, printe yn 1778

F.L. = Frysk Lieteboek.
N.F.L. = Nij Frysk Lieteboek.
B. = Brandenburgh & Co., Snits.
K. = fa. J. Kamminga, Dokkum.
O. = A. J. Osinga, Boalsert.
V. = R. van der Velde, Ljouwert.

Register.

Yn e folchoarder fen t a-bie neffens de bigjinrigels fen de foarste strophen.

	Nr.
Alle goaden ha wy tsjinne	116
Alle minsken binn' myn broerren	7
Amerika, dou lân fen dream en winsken	17
As de Maitiid komt	47
As eltse nije Maeijedei	72
Bolle sudewyntsjes waeije	50
Bonjour mijn allerliefste kind!	60
Broerren, kom, de skimers britsen	114
Brûzjend fljucht ús 't bloed troch d' ieren	90
De flaekskop, de blau-each	19
De Hear is myn hoeder	109
De loft is blau, it fjild is grien	31
Der giet, út ierde dûnkre wolken	115
Der roun ris in famke yn dreamen oer 't mêd	70
Dêr't de dyk it lân omklammet	4
Dêr't marren blinke yn 't sinneljocht	26
Dêr wâllet in wize út it djipst fen ús hert	25
Der weéren veuwer jonge vanen	18
Der wenne alear op 't Amelân	84
Der wennet in fanke foar yn 'e Skâns	73
Der wier in prûs jongfaem	75
Do't Magnus foar Kening Karel stie	86
Dounsjende wyntsjes dy strieken troch 't hôf	33
Driuw nou, myn boatsje	43
Fen de wylde sé bisprongen	14
Fen God allinne ûz goed en spoed	99
Flak oer ús hûes	85
Forjit, forjit! sa ropt it sweltsje	29
Forjit my net, as bolle wyntsjes waeije	48
Frjeon oan it roer lit dyn soargen to hûs	46
Fiysk bloed tsjuch op	2
Fryslân ropt! De findels foar!	15
Fryslân, wêz dysels, wêz frij	16
Göljn as 'e Hammel di Sammereen	10
Ha jimme 't al heard fen Omke Jan?	91
Hear, bliuw my nei; de dei lûkt nei de joun	98
Ho komt it Jetske, siz it my	58
Hup! sûpen groatten brij en ik scil dy wol krije	92

Nr.
Hwa ken him net, de Wylde Mier? 111
Hwet bistû ljeaflik Rizende simmermoarn . . . 35

Ik haw in séman kinnen 51
Ik tink oan dy, ho fier fen dy fendinne 79
In feintsje út Menaem 76
In ljeaf en mûtel famke 67
In pylger gyng syn stege wei 112
In sankje by de âlde harmoanika 78
In sterke fêsting is ús God 107
Integer vitae; Mem, hwet scille wy ite? 97
Is 't Jon wolbihagen 100
It libben lêst my wonderskoan 61
It moaiste famke Is Wobbelke fen 't gea 66
It wier op in simmerjoun 37

Jimmer moat ik smeulend hearre 6
Jins Namme, greate God, moat lof en eare ha . . 103

Kenne jim de Ropster mounle? 38
Knyp dyn eâgjes to 30
Kom dû mei dyn súv're seine 113
„Kom, Setsljeaf! kom, nou keamer op!" 69
Krêftich waeit de bolle wyn 44

Lange Sjoerd en lytse Sjouk 95
Leed en soargen binn' foarby 88
Ljeave, sêfte simmerjoun! 36

Maeijewyn, Maeijewyn 32
Moai Etke fen Teroele 81
Moai, sonder weargea binne de Wâlden 41
Moai sûnder weargea binne de Marren 42
Moarn scille wy de hjouwer slaen 93
Myn faem is foart, myn faem is foart! 94
Myn hert dat trillet my 63

Nou't op 'e nij oer de âlde wrâld 74

O, Fryslân, sa fol swidens as nearne in lân bistiet . 11
O Lân, ús 't ljeafste en djûrste op ierde! 12
O rôlje oer bou en greiden 1
O Schylge, myn lântse Hwat hab ik dy jeaf . . . 20
O, 't fjild yn, it fjild yn! 34
Oan de kant fen 't stille wetter 82
Oeral yn 't roun Snie op 'e groun 39
Oerein Jongerein! 24
Op bergen en woastinen 106

	Nr.
Pibe kaem op Sneintojoun	64
Prinsesse dy't myn siel gebiedt	57
Redbad rydt de dei tomjitte	22
Rêst, myn siele, God is Kening	105
Rôlje, rôlje wetterweagen	53
Schylgerlân, o Schylgerlân	21
Sé, sé, dou wide sé	80
Sjuch, sjuch dy skeane banen	8
Skipke fen ús Jezus' hoede	108
Skipkesile, skipkesile	45
Sliep sêft, myn berntsje, ei slomje sa swiet!	54
So 't ierdsk swietlûdich sjongen (I)	101
So 't ierdsk swietlûdich sjongen (II)	102
Stiet in beam op iens'me heidehichte	40
Tiden drage, sinnen skine	3
Tiete siet allinne Oan de griene wei	59
Tinkste yet, tinkste yet	83
To Boalsert yn 'e merke	65
Troch séën skaet en lânnen	13
Twa lippen meitsje in mûle	96
Ure en dei en jier forrinne	117
Us Sudersé, in deade dobbe	55
Uüs Söl'ring Lön' dü best üüs helig	23
Weagen, sjong jim liet ús ta	49
't Wier op in joun	77
't Wier simmerdei, in moaije joun	68
Winen dy waeije, ljipkes dy draeije	71
't Wirdt my nuver frjemd om 't herte	52
'k Wol it lot fen Tea bisjonge	56
'k Wol Jo, o God, yn tank bitinke	104
Wolkom, freugde fen 'e wrâld	27
Wolkom, wijing fen 'e wrâld	28
Wy hâlde hjoed brilloft, it wirk út 'e wei	89
Wy hâlde 'm heech, wy hâlde 'm heech	9
Wy, wy litte ús tael net farre	5
Yn de tige âlde tiden	87
Yn d'iere moarn, as d'amme rûst	110
Ynskje, op 'e baen!	62